

## **De rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân**

**A.F. Schukking  
E.L. Klinkenberg**

Projektlieder: Cor van der Meer

Yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske taal *DINGtiid*





De rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân.

Auteurs: Anna Fardau Schukking en Edwin L. Klinkenberg  
Projektlieder: Cor van der Meer

Mei dank oan Onno P. Falkena.

Dit ûndersyk nei de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân is útfierd troch it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, yn opdracht fan DINGtiid.

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen wurdt subsidiearre troch de provinsje Fryslân.

Foarmjouwing binnenwurk: Inge Heslinga en Johanneke Buning

Publisearre yn 2018

# De rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân

A.F. Schukking  
E.L. Klinkenberg

Yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid

July 2018



# Ynhâldsopjefte

<b>1. YNLIEDING.....</b>	<b>1</b>
<b>2. METOADEN .....</b>	<b>3</b>
2.1 LITERATUERSTÚDZJE .....	3
2.2 MOTIVAASJE .....	3
2.3 DIELNIMMERS .....	3
2.3.1 <i>Amtners</i> .....	3
2.3.2 <i>Bestjoerders</i> .....	4
2.4 PROSEDUERE.....	5
2.5 FRAGELIST FRAACHPETEAREN .....	5
2.6 ANALYZE .....	6
<b>3. EFTERGRÛN.....</b>	<b>7</b>
3.1 WETLIKE KADERS TAALBELIED.....	7
3.1.1 <i>Europeesk</i> .....	7
3.1.2 <i>Nasjonaal</i> .....	8
3.1.3 <i>Provinsjaal</i> .....	8
3.1.4 <i>Gemeentlik</i> .....	9
3.2 TAALSITUAASJE YN WERYNDIELDE EN NOCH TE WERYNDELEN GEMEENTEN.....	11
3.2.1 <i>Gemeente Waadhoeke</i> .....	11
3.2.2 <i>Gemeente Noardeast-Fryslân</i> .....	12
3.2.3 <i>Gemeente Ljouwert</i> .....	13
3.2.4 <i>Gemeente Súdwest-Fryslân</i> .....	14
<b>4. BEFININGEN .....</b>	<b>15</b>
4.1 GEMEENTE WAADHOEKE .....	15
4.1.1 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten</i> .....	16
4.1.2 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente</i> .....	18
4.1.3 <i>Takomst gemeente Waadhoeke</i> .....	18
4.2 GEMEENTE NOARDEAST-FRYSLÂN.....	19
4.2.1 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de hjoeddeistige gemeenten</i> .....	20
4.2.2 <i>Takomst taalbelied gemeente Noardeast-Fryslân</i> .....	24
4.3 GEMEENTE LJOUWERT .....	24
4.3.1 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten</i> .....	24
4.3.2 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente</i> .....	26
4.3.3 <i>Takomst taalbelied gemeente Ljouwert</i> .....	27
4.4 GEMEENTE SÚDWEST-FRYSLÂN .....	28
4.4.1 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten</i> .....	28
4.4.2 <i>Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente</i> .....	29
4.5 DE ROL FAN DE WET EN IT HÂN FÊST .....	32
<b>5. DISKUSJEPUNTEN .....</b>	<b>33</b>
<b>6. OANBEFELLINGEN.....</b>	<b>36</b>

6.1	FINÂNSJES .....	36
6.2	POSYSJE TAALAMTNER.....	36
6.3	TAALBELIED IS MINSKEWURK.....	37
6.4	UTWIKSELING OER DE STEATSGRINZEN HINNE .....	37
6.5	MEAR ÔNDERSYK NEI GEMEENTLIK TAALBELIED .....	37
<b>7.</b>	<b>BIBLIOGRAFY .....</b>	<b>39</b>
<b>8.</b>	<b>APPENDIKS I - FRAGELIST GEMEENTLIKE WERYNDIELINGEN FRYSLÂN.....</b>	<b>42</b>

# 1. Ynlieding

Yn 1983 telde de provinsje Fryslân 44 gemeenten (Hemminga, 2001). No, sa'n 35 jier letter, binne der noch 20 Fryske gemeenten (Vereniging Friese Gemeenten, 2017), en it leit yn de ferwachting dat dit oantal de kommende jierren fierder ôfnimme sil. In ûntjouwing dy't him net allinnich foardocht yn de provinsje Fryslân, mar ek yn oare provinsjes fan Nederlân.

It ôfnimmen fan it tal gemeenten wurdt feroarsake troch de gemeentlike weryndielingen. Der is sprake fan in gemeentlike weryndieling as de belutsen gemeenten opheft wurde en mei-inoar in nije gemeente foarmje, of as der in 'grinskorreksje' is wêrby't ien fan de belutsen gemeenten bestean bliuwt en de oare belutsen gemeenten mei de noch besteande gemeente gearfoege wurde (Rijksoverheid, 2018). De reden foar gemeenten om te kiezen foar in gemeentlike weryndieling is faak it tanimmende oantal taken en ferantwurdlikheden dy't se oernommen hawwe fan oare oerheidsynstânsjes. Dêrtroch wurdt hieltyd mear fan gemeenten frege en tinke se dat harren bestjoerskrêft tanimme sil as de gemeente grutter wurdt (Provincie Groningen, 2017). It kabinet hat it leafst dat gemeenten sels it beslút nimme ta in gemeentlike weryndieling. Yn spesjale gefallen nimt de provinsje dat beslút. Dat bart bygelyks at de bestjoerskrêft fan in gemeente sa ferswakke is, dat in gemeente syn taken net mear útfiere kin (Rijksoverheid, 2018).

Oars as by weryndielingen bûten de provinsje Fryslân hawwe Fryske gemeenten rekken te hâlden mei it Fryske taalbelied fan de gemeenten dêr't se mei gearfoegje. Mei op grûn fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale Minderheidstalen* (hjrnei: Hânfêst), dat ta doel hat om it gebrûk fan minderheidstalen te befoarderjen yn it deistich libben (Overheid, 1998), is de *Wet gebruik Friese taal* ûntstien. Sûnt it ynfieren fan de *Wet gebruik Friese taal* op 1 jannewaris 2014 is wetlik fêstlein dat gemeenten in beliedsplan en regels opstelle moatte oer it gebrûk fan it Frysk yn harren gemeente<sup>1</sup>. Dêrneist jout de wet boargers yn de provinsje Fryslân de mooglikheid om sawol it Frysk as it Nederlânsk te brûken yn harren kontakt mei bestjoersorganen yn de provinsje Fryslân. Tagelyk mei it ynfieren fan dy taalwet is in advysorgaan foar de Fryske taal oprjochte (Overheid, 2014), mei de namme DINGtiid.

DINGtiid hat neffens de *Wet gebruik Friese taal* de taak om in likense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. It orgaan rapportearret ûnder oare oer it ferlet en de winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet en it Hânfêst (Overheid, 2014). Sa hat it orgaan yn 2016 in advys útbrocht oer de útfiering fan de taalwet en de ymplementaasje dêrfan by de Fryske gemeenten. DINGtiid hat destiids oan de gemeenten frege wat sy op dat stuit diene om it Frysk ûnder har ynwenners te befoarderjen en hoefolle budzjet en fte's oft se beskikber steld hiene foar de Fryske taal. It resultaat wie neffens DINGtiid soarchlik; de útfiering fan de wet moast better en der moast koers set wurde op in langetermynperspektyf foar de Fryske taal (DINGtiid, 2016).

No, twa jier letter, leit de bestjoerlike kaart fan Fryslân der hiel oars hinne troch in oantal gemeentlike weryndielingen. Dêrom wol DINGtiid mear ynsjoch krije yn it plak fan it Frysk yn de foarme en nij te foarmjen gemeenten. Yn opdracht fan DINGtiid hat it *Mercator European Research Centre for Multilingualism and Language Learning*, dat ûnderdiel is fan de Fryske Academy, dwaande west mei dit ûndersyk nei de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen. DINGtiid wol in antwurd krije op de folgjende fragen:

---

<sup>1</sup> De bestjoersorganen fan de gemeenten It Amelân, Skiermûntseach, Skylge, Flylân en Weststellingwerf binne frijsteld fan dy ferplichtingen.



- watfoar rol spilet it Frysk by gemeentlike weryndielingen?
- wat is de posysje fan it Hânfêst en de *Wet gebruik Friese taal* by it weryndielingsproses?
- wurdt der genôch omtinken jûn oan de Wet en it Hânfêst by gemeentlike weryndielingen?
- binne de wet en it Hânfêst as ramt tarikkend foar gemeenten?

Troch it hâlden fan ynterviews mei amtners en bestjoerders dy't kennis en ûnderfining hawwe mei it taalbelied Frysk by gemeentlike weryndielingen, en troch it bestudearjen fan relevante stikken, is besocht dy fragen te beäntwurdzjen. Yn dizze rapportaazje sil fierder yngien wurde op de befiningen út de eftergrûnynformaasje en de ynterviews dy't holden binne oer de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen.

## 2. Metoaden

Om de fragen fan DINGtiid te beäntwurdzjen is yn dit ûndersyk gebrûk makke fan ferskillende ûndersykmetsoaden. Dit haadstik beskriuwt de metsoaden fan ûndersyk en de eftergrûnynformaasje fan de dielnimmers.

### 2.1 Literatuerstúdzje

Relevante literatuer en wetlike kaders en regeljouwing dy't ynfloed hawwe op it taalbelied fan Fryske gemeenten binne bestudearre om in dúdlik byld te krijen fan de ûntjouwingen en hjoeddeistige situaasje op it mêd fan it Fryske taalbelied en de rol dy't dat hat by weryndielingen. Dêrby is gebrûk makke fan boeken en ynternetsiden relatearre oan it ûnderwerp.

Dêrneist binne de ferskillende weryndielingen dêr't it ûndersyk him op rjochtet bestudearre, en is de gemeentlike taaleftergrûn yn kaart brocht. Dat is dien troch de gemeenten op grûn fan de resultaten fan de Taalatlas 2015 mei-inoar te ferlykjen en, as dat mooglik wie, de taalbeliedsplannen fan de ferskillende gemeenten te bestudearjen. Troch resinte gemeentlike weryndielingen, en dêrmei it opheffen fan gemeentlike websites, binne in tal fan dy taalbeliedsplannen net mear te rieplachtsjen.

De befiningen fan de literatuerstúdzje binne brûkt foar it ûntwikkeljen fan in semy-strukturearre fragelist. Dy fragelist is brûkt by it hâlden fan ynterviews mei amtners en bestjoerders oer de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen (sjoch 8. Appendiks I).

### 2.2 Motivaasje

De dielnimmers oan de ynterviews binne amtners en bestjoerders dy't te krijen (hân) hawwe mei it gemeentlike taalbelied yn tiden fan in weryndieling. Der is foar keazen om amtners en bestjoerders te ynterviewen, omdat dat de mooglikheid biedt om it ûnderwerp út ferskillende sjenswizen wei oan te fleanen; polityk en amtlik. Polityk wurdt oer it taalbelied besletten, wylst amtners te krijen hawwe mei it opstellen en de mear praktyske útwurking fan it belied op de wurkflier en dêrbûten.

### 2.3 Dielnimmers

Yn totaal hawwe der 11 ynterviews west, wêrfan seis mei amtners dy't wurkje (of wurke hawwe) foar in weryndielde of noch te weryndielen gemeente yn Fryslân. Dêrneist binne fiif bestjoerders ynterviewd dy't út harren funksje wei te krijen hân hawwe mei it Fryske taalbelied en ien of soms meardere gemeentlike weryndielingen meimakke hawwe.

### 2.4 Amtners

De amtners dy't ynterviewd binne foar dit ûndersyk binne behelle (of hawwe behelle west) by de weryndielingen fan de gemeenten Ljouwert, Súdwest-Fryslân, Waadhoeke of Noardeast-Fryslân. Under de seis ynterviewde (eardere) amtners wiene fjouwer froulju en twa manlju. Harren leeftiid lei

tusken de 32 en 58 jier âld. Fiif fan harren binne yn Fryslân berne. Alle dielnimmers hawwe yn Fryslân op de legere skoalle/basisskoalle sitten.

Fjouwer fan de dielnimmers hawwe oanjûn it Frysk as memmetaal te hawwen. Fan de oare twa hat ien it Frysk letter oanleard; dyjinge sjocht it Frysk no ek as har memmetaal. De oare jout oan it Nederlânsk as memmetaal te hawwen.

Alle amtners jouwe oan dat sy it Frysk goed of hiel maklik ferstean en lêze kinne. Fiif fan harren jouwe oan it Frysk goed of hiel maklik prate te kinnen. Ien fan harren sprekt de taal net. Fjouwer fan de amtners jouwe oan dat sy it Frysk hiel maklik skriuwe kinne, de oare twa hielendal net, of mei muoite.

#### 2.4.1 Bestjoerders

Der binne foar it ûndersyk fiif bestjoerders ynterviewd oer de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen. Alle gearre hawwe sy de ôfrûne jierren behelle west by ien of meardere gemeentlike weryndielingen. De bestjoerders dy't ynterviewd binne foar dit ûndersyk binne Germ Gerbrandy, Boukje Tol, Sjoerd Feitsma, Bearn Bilker en Jaap Hijma.

Germ Gerbrandy is 65 jier âld en lid fan de FNP (Fryske Nasjonale Partij). Sûnt 14 jannewaris 2013 is hy boargemaster fan de gemeente Achtkarspen. Gerbrandy die earder bestjoerlike ûnderfining op yn it gemeentebestjoer as riedslid en wethâlder fan Wymbritseradiel. Doe't Wymbritseradiel ophold te bestean, hat Gerbrandy twa jier riedslid west yn de, doe nij foarme, gemeente Súdwest-Fryslân. Gerbrandy sette him yn foar it Frysk as bestjoerslid fan de FFU (Feriening Frysk Underwiis) en AB-lid fan it EBLT (Europeesk Buro foar Lytse Talen).

Boukje Tol, 61 jier âld, is lid fan de partij SAM Waadhoeke. SAM Waadhoeke is in gearfoeging fan de partijen PvdA, D66, Grien Links en Werkgroep het Bildt. Tol wie twa perioaden wethâlder op It Bilt, dêr't sy taal yn har portefeuille hie (Frysk en Biltsk). Sûnt 1 jannewaris 2018 is sy wethâlder fan de gemeente Waadhoeke.

As wethâlder fan de gemeente Ljouwert is Sjoerd Feitsma (leeftiid ûnbekend) ûnder oare ferantwurdlik foar de portefeuille taal. Sjoerd Feitsma is lid fan de PvdA (*Partij van de Arbeid*) en hat behelle west by twa resinte weryndielingen fan de gemeente Ljouwert. Yn 2014 wie Feitsma as fraksjefoarsitter fan de PvdA behelle by de weryndieling fan de gemeente Ljouwert mei in part fan de gemeente Boarnsterhim. Dêrneist hat Feitsma as wethâlder behelle west by de weryndieling fan de gemeente Ljouwert mei Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel. Dy weryndieling is sûnt 1 jannewaris 2018 fan krêft.

Bearn Bilker, 65 jier en lid fan it CDA (*Christen Democratisch Appèl*), is sûnt 2001 boargemaster fan de gemeente Kollumerlân c.a. Foarhinne wie hy gemeenteriedslid en wethâlder fan de gemeente Ljouwert. Bilker is fúzjefoarsitter by de gemeentlike weryndieling fan de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân, dy't yn jannewaris 2019 offisjeel yngean sil. Bilker wie oant 1 jannewaris 2014 lid fan it Konsultatyf Orgaan Frysk, dat it Ryk advisearre op it mêd fan taalbelied. Bilker hat as foarsitter fan Tryater mei sukses lobbyd foar behâld fan de rykssubsydzje foar it iennichste Frysktalige beropsselskip. Bilker is op dit stuit foarsitter fan de politike kommisje fan de Ried fan de Fryske Beweging.

Behelle by dyselde fúzje is Jaap Hijma (leeftiid ûnbekend), wethâlder en lokoboargemaster fan de gemeente Ferwerderadiel foar de FNP. Hijma is dwaande mei syn twadde perioade as wethâlder en is ferantwurdlik foar de portefeuille taal.

Alle bestjoerders binne berne yn Fryslân. Utsein Boukje Tol, hat elkenien yn Fryslân op de legere skoalle/basisskoalle sitten. Fjouwer fan de fiif bestjoerders jouwe oan dat it Frysk har memmetaal is. Alle

bestjoerders kinne it Frysk goed oant hiel maklik ferstean en sprekke. Fjouwer fan harren jouwe oan it Frysk hiel maklik lêze te kinnen, ien frij aardich. Trije bestjoerders jouwe oan dat sy it Frysk skriuwen goed oant hiel maklik behearskje, ien frij aardich en ien mei muoite.

## 2.5 Prosedure

De dielnimmers binne oanskreaun fia de mail. Dêryn waard útlis jûn oer it ûndersyk en waard harren frege om diel te nimmen oan in ynterview oer de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen. Alle oanskreaune persoanen reagearren posityf op dat fersyk. Dêrnei is in ôfspraak makke foar it ynterview dat holden waard op it gemeentehûs of by de Fryske Akademy.

De ynterviews binne opnommen. Yn oerienstimming mei de dielnimmers meie dy opnamen allinnich brûkt wurde troch de ûndersikers foar de útwurking fan de rapportaasje. Dêrnei is de dielnimmende amtners anonimiteit garandearre. Om't de identiteit fan de ynterviewde bestjoerders faak maklik werom te lieden is út de kontekstuele ynformaasje, wiene dy ynterviews net anonym.

## 2.6 Fragelist fraachpetearen

Der is keazen foar in semy-strukturearre fragelist, omdat it mooglikheid biedt ta trochfreegjen en it ynspyljen op antwurden fan de dielnimmers. De fragelist is dêrom brûkt as paadwizer foar de ynterviews, mar it wie ek mooglik om fan de fragelist ôf te wiken. Sa waard de fragelist faak oanpast op in spesifike persoan of gemeente. As dat mooglik wie, is yngien op de neikommende punten:

- **demografyske eftergrûn:** hjir waard yngien op saken as geslacht, leeftiid, berteplak, memmetaal en oplieding.
- **de Fryske taal:** hjir waard de dielnimmers frege oan te jaan hoe goed oft sy it Frysk behearskje op de ferskillende behearskingsnivo's. As dat fan tapassing wie, waard yngien op hoe Fryksinnich oft de dielnimmer wie.
- **hjoeddeistige funksje:** de dielnimmers waard frege om in omskriuwing te jaan fan harren hjoeddeistige funksje.
- **it foartrajekt fan in weryndieling:** hjir waard frege nei saken as harren ûnderfiningen mei 'Gemeenten & Frysk', harren kennis fan de Wet en it Europeesk Hânfêst en de ynfloed fan dy wetlike kaders op it Fryske taalbelied.
- **de weryndieling en it gemeentlike taalbelied:** der waard yngien op it útfieren fan it taalbelied yn it ferline, en (as dat fan tapassing wie) no en yn de takomst. Dat waard dien oan de hân fan it menusysteem.
- **evaluaasje:** hjir waard dielnimmers frege om harren persoanlike fyzje út te sprekken oer it gemeentlike taalbelied en de wetlike kaders dy't dêrby in rol spylje.

## 2.7 Analyze

Op grûn fan de sammele ynformaasje is besocht in oersjoch te meitsjen fan de situaasje per weryndielde gemeente (Ljouwert, Waadhoeke, Súdwest-Fryslân en Noardeast-Fryslân). Dat wurdt beskreaun yn haadstik 4, Befiningen.

## 3. Eftergrûn

### 3.1 Wetlike kaders taalbelied

It Fryske taalbelied fan gemeenten yn Fryslân wurdt basearre op in oantal Europeeske, nasjonale en provinsjale wetlike kaders.

#### 3.1.1 Europeesk

Op Europeesk nivo wurdt it Frysk beskerme troch it *European Charter for Regional or Minority Languages* (Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen) en de *Framework Convention for the Protection of National Minorities* (Europeesk Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden).

It Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen is ûntwikkele om regionale en minderheidstalen te beskermjen, it gebrûk dêrfan te befoarderjen, en sprekkers fan dy talen de mooglikheid te jaan de taal te brûken yn harren private en iepenbiere libben (Council of Europe, 2018a). It Hânfêst jout in beskriuwing fan de ferplichtingen dy't steaten hawwe om harren regionale en minderheidstalen te beskermjen yn ferskillende domeinen fan it deistich libben. It giet dan om de domeinen: ûnderwiis, de rjochtbank, it iepenbier bestjoer, media, kultuer, ekonomysk en sosjaal libben, en útwikseling oer de steatsgrinzen (Council of Europe, 2018b). It Hânfêst giet spesifyk yn op de gefolgen fan nije bestjoerlike yndielingen yn Artikel 7, lid b:

*“de eerbiediging van het geografisch gebied van elke regionale taal of taal van een minderheid ten einde te verzekeren dat bestaande of nieuwe bestuurlijke indelingen geen belemmering vormen voor de bevordering van de desbetreffende regionale taal of een minderheid.”*

Dit betsjút dat in weryndieling *gjin* behindering foarmje mei foar de befoardering fan de oanbelangjende regionale taal of minderheidstaal (Overheid, 1998).

It Hânfêst waard yn 1992 ûndertekene en yn 1996 ratifisearre troch it Ryk. Yn 1998 waard it Hânfêst offisjeel fan krêft (Provinsje Fryslân, 2017). It Nedersaksysk, Romani, Limboarchsk en Jiddysk binne erkende minderheidstalen yn Nederlân dy't ratifisearre binne ûnder diel II fan it Hânfêst. It Frysk is ratifisearre ûnder diel II & III fan it Hânfêst (Provinsje Fryslân, 2017), wat betsjut dat it Frysk yn oanmerking komt foar “mear detaillearre beskermingsmaatregels” as talen dy't allinnich ratifisearre binne ûnder diel II (Council of Europe, 2009). De ymplementaasje fan it Hânfêst wurdt perodyk hifke troch in Kommisje fan Eksperts. Sy bestudearje en beoardielje de rapporten dy't troch de steaten útbrocht wurde oer it útfieren fan it Hânfêst, en sy bringe in besite oan de steat om te sjen hoe't de taal in plak krijt yn de ferskillende domeinen dy't neamd wurde yn it Hânfêst (Council of Europe, 2009).

Troch de ratifikaasje fan it *Europeesk Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden* (hjernei: Ramtferdrach) yn 2005 ferplichtet it Ryk himsels ta de beskerming fan nasjonale minderheden yn Nederlân (Council of Europe, 2018c). It Ramtferdrach wol boargers dy't ta in minderheid hearre de mooglikheid jaan om harren eigen tradysjes, kultuer, religy en taal út te fieren, te brûken en te behâlden (Provinsje Fryslân, 2017).

### 3.1.2 Nasjonaal

It Frysk wurdt op nasjonaal nivo troch in ferskaat fan wet- en regeljouwing beskerme. Sûnt 1970 hat it Ryk offisjeel oanjûn soarch te dragen foar de Fryske taal (Provinsje Fryslân, 2017). Fan doe ôf oan waard Fryslân sjoen as in twatalige provinsje (Riemersma & de Jong, 2007).

De provinsje Fryslân en it Ryk komme periodyk ta in oerienstimming oer harren doelen, en de finansiering dêrfan, om de Fryske taal en kultuer te beskermjen en te behâlden. Dy doelen wurde gearfette yn de *Bestuursafpraak Friese taal en Cultuur* (Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer) (BFTK), dy't om de fiif jier fernijd wurdt. De BFTK is in útwurking fan de ferplichtingen dy't it Ryk en de provinsje hawwe oangeande it Frysk en de Fryske kultuer, troch de ratifkaasje fan it Hânfêst en it Ramtferdrach. De earste oerienkomst waard fan krêft yn 1989 en sûnt dy tiid is de BFTK trije kear fernijd (Provinsje Fryslân, 2016). De aktuele BFTK waard yn 2013 fan krêft en sil yn 2019 fernijd wurde. De BFTK folget de struktuer fan it Hânfêst en beskriuwt hoe't it Nederlânske Ryk en de provinsje Fryslân gearwurkje sille om de Fryske taal en kultuer te beskermjen (Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, 2013).

Yn de BFTK wurdt ek yn detail yngien op de ferplichtingen dy't it Ryk en de provinsje hawwe oangeande weryndielde en noch te weryndielen gemeenten. Sa wurdt yn haadstik 3.2, paragraaf 1 beskreaun dat de Provinsje en it Ryk *“alle war dwaan sille om, yn it gefal fan gemeentlike weryndielingsplannen, de oanbelangjende gemeenten te wizen op de needsaak om ta gaadlik gemeentlik taalbelied te kommen. It Ryk en de provinsje Fryslân sille, yn oparbeidzjen mei de oanbelangjende partijen, ôfspraken meitsje oer it beskermjen fan it plak fan de Fryske taal yn de nij te foarmjen gemeente. Yn it gefal fan gemeentlike weryndieling sille dy ôfspraken mei de oanbelangjende gemeenten en Deputearre Steaten fan Fryslân makke wurde.”*

Neist de BFTK hat ek de *Wet gebruik Friese taal* (Wet gebrûk Fryske taal), dy't sûnt 2014 fan krêft is, in sterke ynfloed op it gemeentlike taalbelied Frysk. De Wet gebrûk Fryske taal regelet nammentlik dat it Frysk en it Nederlânsk de offisjele talen fan de provinsje Fryslân binne. As gefolch dêrfan hawwe boargers fan de provinsje Fryslân de mooglikheid krigen harren eigen taal, it Frysk of it Nederlânsk, te brûken yn de rjochtseal en yn harren korrespondinsje mei bestjoersorganen dy't fêstige binne yn de provinsje Fryslân. Oarsom is fêstlein dat bestjoersorganen yn Fryslân it Frysk brûke meie yn harren korrespondinsje mei boargers en oare ynstellingen yn de provinsje. Dêrneist ferplichtet de wet bestjoersorganen yn Fryslân, wêrûnder gemeenten, regels op te stellen oer it brûken fan it Frysk yn skriftlike stikken en yn it mûnlinge ferkear. Dy regels moatte yn elk gefal bepalingen befetsje rjochte op it fersterkjen fan de posysje fan de Fryske taal binnen it wurkgebiet fan it oanbelangjende bestjoersorgaan. Yn oanfolling dêrop wurde de bestjoersorganen ferplichte om in beliedsplan op te stellen oer it brûken fan de Fryske taal.

Mei it ynfieren fan de Wet waard ek in advysorgaan foar de Fryske taal oprjochte, mei de namme DINGtiid. It orgaan hat de taak om in likense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. It orgaan rapportearret ûnder oaren oer it ferlet en de winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet en it Hânfêst (Overheid, 2014).

### 3.1.3 Provinsjaal

De provinsje Fryslân is ferantwurdlik foar de ymplementaasje fan taalbelied dat basearre is op it Hânfêst, it Ramtferdrach en de nasjonale wet- en regeljouwing. Yn neifolging op it advys fan DINGtiid *‘feroaring en ferbettering’* fan septimber 2015, is de provinsje dêrneist ek oanwiisd as ‘taalskipper’. Dat hâldt yn dat

de provinsje de ferantwurdlikheid hat om stjoer te jaan oan it Fryske taaldossier. Dêr falt ek it tafersjoch op it útfieren fan de taalwet troch bestjoersorganen yn de provinsje Fryslân ûnder (Provinsje Fryslân, 2018).

Yn it provinsjale koälysje-akkoart 'Mei elkenien foar elkenien' binne de ferskate ambysjes fan de provinsje Fryslân oer de beliedsperiode 2015-2019 fêstlein. De provinsje jout ûnder oaren yn it akkoart oan dat it ynset op it stimulearjen fan it brûken fan it Frysk troch bestjoersorganen yn de provinsje. It útfieren fan harren plannen op it mêd fan it Frysk binne ûnderbrocht by it 'Deltaplan Frysk.' Dat plan moat in positive útwurking hawwe op it fersterkjen fan it Frysk as twadde rykstaal (Provinsje Fryslân, 2015).

It beliedsstik 'Mei hert, holle en hannen (2017-2018)' beskriuwt it provinsjale belied op it mêd fan taal, kultuer en sport. Yn dat beliedsstik wurde konkrete 'effekten' beneamd fan de provinsjale doelstellingen as it giet om it fersterkjen fan de Fryske taal, ynklusyf Fryske streektalen en de Fryske kultuer. It stik hat oandacht foar doelstellingen op it mêd fan it taalbelied fan (weryndielde) gemeenten. Sa stiet yn it dokumint dat de provinsje ferwachtet dat alle Fryske gemeenten in (streek)taalbelied fêststeld hawwe yn 2020. Dêrneist dat de provinsje gemeenten fergje sil op it fêststellen fan taalbelied en in taalferoarding. It stik jout ek oan dat de provinsje Fryslân yn petear bliuwe wol mei weryndielde en noch te weryndielen gemeenten oer de harmonisaasje fan taalbelied, en it wol de gearkomsten fan it programma 'Gemeenten & Frysk'<sup>2</sup> fan de Afûk trochsette. Ta beslút wurdt neamd dat de provinsje foar 2018 in bestjoerlike oerienkomst 'Frysk taalbelied' mei weryndielingsgemeenten slute wol (Provinsje Fryslân, 2017).

Dêrom is op 17 novimber 2017 de 'Bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied yn de nije gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân en yn de nij te foarmjen gemeente Waadhoeke' tekene, troch de doe noch te weryndielen gemeenten It Bilt, Ljouwert, Menameradiel, Frjentsjerteradiel, Littenseradiel, Súdwest-Fryslân, de provinsje en it Ryk. Ien fan de haadpunten fan dy oerienkomst is dat boargers fan de trije 'nije' gemeenten derop foarútgean moatte op it mêd fan taalbelied. Yn 2020 sil de provinsje, mei de kolleezjes fan B & W fan de oanbelangjende gemeenten, it útfieren fan it nije gemeentlike taalbelied hifkje, wat dien wurde sil op grûn fan in nulmjitting út 2017 (Overheid, 2017). De provinsje is dwaande om ek mei de D(D)FK-gemeenten, foar de ein fan 2018, ta in bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied foar de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân te kommen (Provinsje Fryslân, 2018).

#### 3.1.4 Gemeentlik

Op grûn fan de Europeeske, nasjonale en provinsjale wetlike kaders hawwe Fryske gemeenten de ferplichting om in taalbeliedsplan op te stellen en in taalferoarding te hawwen.

Om it taalbeliedsplan oersichtlik te meitsjen foar gemeenten en ynwenners wurdt sûnt in tal jierren gebrûk makke fan it 'menusysteem' dat syn struktuer ûntliet oan it Europeesk Hânfêst. It menusysteem makket it foar gemeenten makliker om taalbelied op te stellen en nei te gean op hokker mêd ferbetteringen plakhawwe moatte. Dat menusysteem bestiet út seis tema's: ûnderwiis, kultuer, media, sosjaal-kultureel wurk, bestjoer en sûnenssoarch (Gemeenten & Frysk, s.d.). It projekt Gemeenten & Frysk fan de Afûk, stipet gemeenten by it ûntwikkeljen fan in taalbeliedsplan op grûn fan it menusysteem. De 'Taalbeliedsmakker' is in online helpmiddel dat ûntwikkele is foar it opstellen fan in

---

<sup>2</sup> Programma dêr't gemeenten telâne kinne foar fragen, ynformaasje en nijs oer it gemeentlike taalbelied. Gemeenten & Frysk wurdt útfierd troch de Afûk yn opdracht fan en yn gearwurking mei de provinsje Fryslân.



beliedsplan. Troch te antwurdzjen op 99 fragen “generearret” de Taalbeliedsmakker in beliedsplan dat foldocht oan de Wet Gebrûk Fryske Taal út 2014 (Gemeenten & Frysk, s.d.).

Yn in taalferoarding moatte gemeenten oanjaan hoe’t se omgean sille mei it Frysk yn it skriftlike en it mûnlinge ferkear (Overheid, 2014).

### 3.2 Taalsituaasje yn weryndielde en noch te weryndielen gemeenten


Yn dit ûndersyk wurdt sjoen nei trije resinte weryndielingen en in weryndieling dy't op kommandewe is. Dat binne de weryndielingen fan de gemeenten **Waadhoeke, Noardeast-Fryslân, Ljouwert en Súdwest-Fryslân**. Om in byld te krijen fan de taalsituaasje yn dy weryndielde of noch te weryndielen gemeenten, wurdt yn dit haadstik in koart oersjoch jûn fan it nivo wêrop't de ynwenners fan de eardere gemeenten oanjouwe it Frysk te behearskjen. Dat wurdt dien op grûn fan de resultaten fan de Fryske Taalatlas út 2015. De útkomsten fan dy taalatlas binne de resultaten fan in taalûndersyk dat de provinsje Fryslân útfierd hat ûnder syn ynwenners. De útkomsten binne basearre op de antwurden fan 9.152 Friezen dy't in enkête ynfolle hawwe oer harren behearskingsnivo en gebrûk fan de Fryske taal. Dêrom moat yn acht nommen wurde dat it hjir giet om resultaten basearre op selsrapportazje.

#### 3.2.1 Gemeente Waadhoeke

De gemeente Waadhoeke is in gearfoeging fan de eardere gemeenten It Bilt, Frjentsjerteradiel, Menameradiel en in part fan Littenseradiel<sup>3</sup>. Op 1 jannewaris 2018 binne de eardere gemeenten opgien yn de nije gemeente Waadhoeke.

Ofbylding 1 lit sjen dat it tal ynwenners dat oanjout it Frysk as memmetaal te hawwen yn de gemeenten sterk ferskilt: yn de gemeente It Bilt jout 40–50% fan de ynwenners oan it Frysk as memmetaal te hawwen, wylst yn Littenseradiel dat persintaazje tusken de 70-80% leit. De gemeenten Frjentsjerteradiel en Menameradiel sitte dêrtuskenyn, mei in persintaazje fan 60-70%. De gemeenten Frjentsjerteradiel, Menameradiel en Littenseradiel skoare mei dy persintaazjes boppe it gemiddelde fan Fryslân (55,3%).

De trijetalige situaasje fan de gemeente It Bilt soe in mooglike ferklearring wêze kinne foar it legere persintaazje fan de ynwenners dat oanjout it Frysk as memmetaal te hawwen. Yn de gemeente It



Ofbylding 1 Frysk as memmetaal ûnder de ynwenners fan Fryske gemeenten yn prosinten (Boarne: Fryske Taalatlas, 2015)

<sup>3</sup> De doarpen Baaium, Spannum, Winsum en Wjelsryp fan de eardere gemeente Littenseradiel falle no ûnder de gemeente Waadhoeke.

Bilt wurdt nammentlik neist it Frysk en it Nederlânsk in streektaal brûkt: it Biltsk (Provinsje Fryslân, 2015).

In oersjoch fan de behearsking fan it Frysk op de ferskillende behearskingsnivo's ferstean, lêze, prate en skriuwe lit sjen dat ek yn dat gefal de fjouwer gemeenten fan inoar ferskille. Benammen yn Littenseradiel jout in grut persintaazje oan it lêzen en it skriuwen fan it Frysk goed oant tige goed te behearskjen (sjoch tabel 1).

Tabel 1 Behearskingsnivo Frysk (goed-tige goed) yn de eardere gemeenten Littenseneradiel, Frjentsjerteradiel, It Bilt en Menameradiel (Boarne: Fryske Taalatlas, 2015)

	Littenseneradiel	Frjentsjerteradiel	It Bilt	Menameradiel
Ferstean <sup>4</sup>	90-100%	90-100%	90-100%	90-100%
Lêze <sup>5</sup>	70-80%	60-70%	50-60%	60-70%
Prate <sup>6</sup>	80-90%	50-60%	60-70%	80-90%
Skriuwe <sup>7</sup>	30-40%	10-20%	10-20%	10-20%

### 3.2.2 Gemeente Noardeast-Fryslân

De gemeente Noardeast-Fryslân is in gearfoeging tusken de gemeenten Dongeradiel, Kollumerlân c.a. en Ferwerderadiel. De amtlike organisaasjes binne ûnder de namme DDFK sûnt 1 jannewaris 2017 al fusearre. Dêr is ek de gemeente Dantumadiel by behelle. Allinnich de gemeenten Dongeradiel, Kollumerlân c.a. en Ferwerderadiel sille amtlik en bestjoerlik mei-inoar fusearje; dat bart op 1 jannewaris 2019. Yn earste ynstânsje soe Dantumadiel ek opgean yn de nije gemeente Noardeast-Fryslân, mar de gemeente hat der letter foar keazen om bestjoerlik selsstannich te bliuwen (DDFK, 2017).

De fusearjende gemeenten binne oer it algemien Fryskinnich. De gemeente Dantumadiel hat it heechste oantal Fryske memmetaalsprekkers fan Fryslân, mei sa'n 80-90% fan de ynwenners. Yn Ferwerderadiel en Dongeradiel leit dat persintaazje tusken de 70-80% en yn Kollumerlân c.a. tusken de 60-70%. Yn de gemeente Kollumerlân c.a. wurdt neist it Frysk en it Nederlânsk ek Stedsfrysk, it Kollumersk en it Kollumerpompstersk sprutsen (Provinsje Fryslân, 2014). De behearsking fan it Frysk op de ferskillende behearskingsnivo's yn de oanbelangjende gemeenten wurdt sichtber makke yn tabel 2.

Tabel 2 Behearsking Frysk (goed-tige goed) op de behearskingsnivo's ferstean, lêze, prate en skriuwe yn de gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel, Kollumerland c.a. en Dantumadiel (Boarne: Fryske Taalatlas, 2015)

	Dongeradiel	Ferwerderadiel	Kollumerlân c.a.	Dantumadiel
Ferstean	90-100%	90-100%	80-90%	90-100%
Lêze	50-60%	70-80%	40-50%	60-70%
Prate	80-90%	80-90%	70-80%	90-100%
Skriuwe	10-20%	20-30%	10-20%	20-30%

<sup>4</sup> Trochsnee behearsking 'ferstean' (goed-tige goed) yn Fryslân: 85,1% (Fryske Taalatlas, 2015).

<sup>5</sup> Trochsnee behearsking 'lêze' (goed-tige goed) yn Fryslân: 51,8% (Fryske Taalatlas, 2015).

<sup>6</sup> Trochsnee behearsking 'prate' (goed-tige goed) yn Fryslân: 66,6% (Fryske Taalatlas, 2015).

<sup>7</sup> Trochsnee behearsking 'skriuwe' (goed-tige goed) yn Fryslân: 14,5% (Fryske Taalatlas, 2015).

### 3.2.3 Gemeente Ljouwert

De gemeente Ljouwert is sûnt 1 jannewaris 2018 útwreide troch in gearfoeging mei de gemeente Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel<sup>8</sup>. De gemeente wie yn 2014 al gearfoege mei in part fan de eardere gemeente Boarnsterhim<sup>9</sup>.

De gemeente Ljouwert is yn ferliking mei de gemeenten Littenseradiel en Ljouwerteradiel de gemeente mei it minste oantal ynwenners dy't oanjouwe it Frysk as memmetaal te hawwen; sa'n 30 oant 40%. Yn de stêd Ljouwert wurdt neist it Frysk, Nederlânsk en mooglike oare talen, ek it Stedsfrysk sprutsen (Provinsje Fryslân, 2014). Yn Ljouwerteradiel jout 50-60% oan it Frysk as memmetaal te hawwen, wylst dat yn Littenseradiel sa'n 70-80% is (sjoch ôfbylding 1).

De behearsking fan it Frysk op de ferskillende behearskingsnivo's yn de trije gemeenten lit sjen dat ek yn dit gefal de ynwenners fan de eardere gemeente Ljouwert it minst Fryksinnich binne, sjoch tabel 3.

Tabel 3 Behearsking Frysk (goed-tige goed) op de behearskingsnivo's ferstean, lêze, prate en skriuwe yn de eardere gemeenten Ljouwert, Littenseradiel en Ljouwerteradiel (Boarne: Fryske Taalatlas, 2015)

	Ljouwert	Littenseradiel	Ljouwerteradiel
Ferstean	70-80%	90-100%	90-100%
Lêze	40-50%	70-80%	50-60%
Prate	40-50%	80-90%	70-80%
Skriuwe	10-20%	30-40%	10-20%

<sup>8</sup> De doarpen Baard, Bears, Easterlittens, Hilaard, Húns, Jellum, Jorwert, Leons, Mantgum en Weidum fan de eardere gemeente Littenseradiel falle no ûnder de gemeente Ljouwert.

<sup>9</sup> De doarpen Grou, Jirnsum, Friens, Idaerd, Eagum, Warten, Wergea, Warstiens en Reduzum fan de eardere gemeente Boarnsterhim falle no ûnder de gemeente Ljouwert.

### 3.2.4 Gemeente Súdwest-Fryslân

De gemeente Súdwest-Fryslân hat resint ferskate weryndielingen meimakke. Yn 2011 ûntstie de gemeente troch in fúzje fan de gemeenten Boalsert, Nijefurd, Snits, Wûnseradiel en Wymbritseradiel (Provinsje Fryslân, 2007). Yn 2014 waard dêr in part fan de eardere gemeente Boarnsterhim oan tafoege<sup>10</sup>. Meast resint is de gearfoeging mei in part fan de gemeente Littenseradiel op 1 jannewaris 2018<sup>11</sup>.

Troch de fúzje fan 2014 binne in tal yn haadsaak Fryksinnige gemeenten, sa as Wûnseradiel en Wymbritseradiel, gearfoege mei de minder Fryksinnige stedsgemeenten Snits en Boalsert (Provinsje Fryslân, 2007). Neist Frysk en Nêderlânsk wurdt dêr ek Stedsfrysk sprutsen (Provinsje Fryslân, 2014).

Wannear't sjoen wurdt nei de meast resinte weryndieling, dan ferskille de gemeenten Littenseradiel en Súdwest-Fryslân yn hoe Fryksinnich oft se binne. Ofbylding 1 jout wer dat 50-60% fan de ynwenners fan de gemeente Súdwest-Fryslân it Frysk as memmetaal hat, wylst yn Littenseradiel dat persintaazje op 70-80% leit.

De behearsking fan it Frysk op de ferskillende behearskingsnivo's fan de ynwenners fan de gemeenten Súdwest-Fryslân en Littenseradiel wurdt werjûn yn tabel 4.

Tabel 4 Behearsking Frysk (goed-tige goed) op de behearskingsnivo's ferstean, lêze, prate en skriuwe yn de eardere gemeenten Súdwest-Fryslân en Littenseradiel (Boarne: Fryske Taalatlas, 2015)

	Súdwest-Fryslân	Littenseradiel
Ferstean	80-90%	90-100%
Lêze	50-60%	70-80%
Prate	60-70%	80-90%
Skriuwe	10-20%	30-40%

<sup>10</sup> De doarpen Raerd, Dearsum, Tersoal, Poppenwier en Sibrandabuorren fan de eardere gemeente Boarnsterhim falle no ûnder de gemeente Súdwest-Fryslân.

<sup>11</sup> De doarpen Boazum, Britswert, Easterein, Easterwierrum, Hidaard, Hinnaard, lens, Itens, Kûbaard, Lytsewierrum, Reahûs, Rien, Waaksens, Wiuwert en Wommels falle no ûnder de gemeente Súdwest-Fryslân.

## 4. Befiningen

Yn dit haadstik sille de befiningen fan de literatuerstúdzje en de ynterviews beskreaun wurde, per weryndielde gemeente. Der sil yngien wurde op de rol fan it Frysk by de weryndielingen fan de gemeente Waadhoeke (paragraaf 4.1), Noardeast-Fryslân (paragraaf 4.2), Ljouwert (paragraaf 4.3) en Súdwest-Fryslân (paragraaf 4.4).


### 4.1 Gemeente Waadhoeke

Sûnt 1 jannewaris 2018 is Fryslân in nije gemeente riker, nammentlik de gemeente Waadhoeke. Dy gemeente hat hast 47.000 ynwenners en bestiet út 40 doarpen en buorskippen en ien stêd, Frjentsjer (gemeente Waadhoeke, 2018a). Waadhoeke is ûntstien troch in gearfoeging fan de gemeenten It Bilt, Menameradiel, Frjentsjerteradiel en in part fan Littenseradiel (sjoch ôfbylding 2).

De earste stap ta dy weryndieling waard nommen yn juny 2012, doe't de gemeenten It Bilt, Frjentsjerteradiel, Harns, Ljouwerteradiel en Menameradiel harren begûnen te oriïntearjen op in mienskiplike takomst nei oanlieding fan de provinsjale fyzje. Op grûn fan dy oriïntaasje waard yn febrewaris 2013 besletten om in prinsipebeslút ta in fúzje ta te rieden. De gemeente Harns naam doe it beslút om ôf te sjen fan in weryndieling en Ljouwerteradiel keas derfoar om mei de gemeente Ljouwert gear te foegjen. Nei it rieplachtsjen fan de ynwenners naam Littenseradiel it beslút om de gemeente op te splitsen yn trije dielen. In part fan de gemeente gie nei de gemeente Waadhoeke, in part nei de gemeente Ljouwert en it grutste diel nei de gemeente Súdwest-Fryslân. Dat resultearre yn oktober 2013 yn in prinsipebeslút ta in weryndieling fan de gemeenten It Bilt, Menameradiel, Frjentsjerteradiel en fjouwer doarpen fan de gemeente Littenseradiel (gemeente Waadhoeke, 2018b).

Troch de fúzje fan dy gemeenten is der in unike taalsituaasje ûntstien yn Waadhoeke. Neist it Frysk, Nederlânsk en mooglike oare talen is dy regio in Fryske streektaal en in fariant fan it Stedsfrysk ryk; it Biltsk en it Frjentsjertersk. It Biltsk wurdt benammen sprutsen yn de eardere gemeente It Bilt (van Sluis, 2015). Utsein it Frysktalige doarp Minnertsgea<sup>12</sup> binne de doarpen yn de eardere gemeente It Bilt trijetalich (gemeente Waadhoeke, 2018c). It Biltsk wurdt troch sa'n 6000 sprekkers sprutsen en wurdt noch faak brûkt yn it deistich libben, bygelyks op skoallen (opsjoneel) of op it eardere gemeentehûs (van Sluis, 2015).

Yn 'e oanrin nei de gemeentlike weryndieling hat de gemeente It Bilt alle war dien om it Biltsk te beskermjen troch it fersyk te dwaan de taal te ratifisearjen ûnder diel I & II fan it Europeesk Hânfêst. De



Ofbylding 2 Oersjoch gemeentlike weryndielingen 2018 (Boarne: [www.herindeling2018.frl](http://www.herindeling2018.frl))

<sup>12</sup> Foar de gemeentlike weryndieling fan 1984 foel Minnertsgea ûnder de eardere gemeente Barradiel. Troch de gearfoeging fan it doarp mei de gemeente It Bilt waard Minnertsgea it iennige Frysktalige doarp yn dy gemeente (gemeente Waadhoeke, 2018c)

Bilkerts woene de wissigens hawwe dat de taal beskerme wurde soe wannear't It Bilt opgie yn de yn haadsaak Fryske gemeente Waadhoeke. Omdat it Biltsk troch de Taalunie sjoen wurdt as in dialekt (Rijksoverheid, 2016) yn stee fan in mingtaal, sa as út ûndersyk fan de Fryske Akademy (van Sluis, 2015) bliken die, hat de minister besletten de taal net te erkennen (Rijksoverheid, 2016).

Yn Frjentsjer wurdt in fariant fan it Stedsfrysk sprutsen, it Frjentsjertersk (*Franekers*) (Provinsje Fryslân, 2014). Dat is in mingtaal dy't faaks mear gelyk is oan it Nederlânsk as oan it Frysk. It Stedsfrysk wurdt neist yn Frjentsjer, ek yn Ljouwert, Dokkum, Harns, Boalsert, Snits en Starum sprutsen (Duijff, 2002).

#### 4.1.1 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten

Om in dúdlik byld te foarmjen fan de rol dy't it Frysk spilet by gemeentlike weryndielingen is it fan belang om yn kaart te hawwen hokker plak it Frysk hie yn de eardere gemeenten. Yn de ynterviews dy't holden binne mei ferskate dielnimmers dy't belutsen binne (of west hawwe) by de gemeentlike weryndieling fan Waadhoeke wurdt dúdlik dat de rol fan it Frysk yn de eardere gemeenten hiel ferskillend wie.

##### 4.1.1.1 Littenseradiel

Ferskate dielnimmers jouwe oan dat de gemeente Littenseradiel it meast fiergeande gemeentlike taalbelied hie fan de provinsje Fryslân. Benammen as it gie oer hoe om te gean mei it Frysk as earste en as twadde taal waard Littenseradiel sjoen as hiel Fryksinnich. As ynwenners bygelyks de gemeentlike website besochten, kamen hja earst op de Fryske side telâne. Dêrneist waard eins alle gemeentlike berjochtjouwing dûbeldtalich oanbean.

It Frysk waard yn Littenseradiel goed sichtber makke, sawol binnen as bûten it gemeentehûs. Sa wiene alle plaknammen Frysktalich. Yntern wie men eins in útsûndering as men by de gemeente wurke en gjin Frysk koe. As men de gemeente belle, wie de earste taalkar Frysk. Fan minsken dy't oan de baly sieten waard dêrom ferwachte dat sy it Frysk prate koene. By de seleksjeproseduere fan nije meiwurkers wie it Frysk ek in pree; eins moast men it wol ferstean en lêze kinne om op it gemeentehûs oan it wurk te kinnen.

Om meiwurkers de taal te learen, of harren Frysk te ferbetterjen, waarden koarte Fryske kursussen oanbean ûnder wurktyd. Sa no en dan waard in 'opFrysk-midde' organisearre, sadat meiwurkers harren kennis fan de taal wer efkes oprisse koene.

Op it gemeentehûs waard frij strang hantavene op it neikommen fan it taalbelied. Dat waard dien troch de oanbelangjende amtners, mar ek it kolleezje, dat hiel Fryksinnich wie. It wie net sa dat elkenien op it gemeentehûs altyd efter it tige Fryksinnige belied fan de gemeente stie. It belied wie bot ôfhinklik fan de bestjoerders dy't op dat stuit ferantwurdlik wiene foar de gemeente en it belied.

Littenseradiel stimulearre meartalich ûnderwiis. Skoallen koene meidwaan oan projekten op it mêd fan taal. It Tomke-projekt waard ek finansjeel stipe. Dêrneist stipe de gemeente Frysktalige kulturele inisjativen (bgl. spulwike, berne-iepenloftspul ensfh.) Littenseradiel hie gjin gearwurkingsferbân mei in oar gebiet of plak mei in minderheidstaal. Undúdlik is oft de gemeente omtinken hie foar it Frysk yn it sport- en rekreaasjebelied, of yn oerlis mei soarchynstellingen.

Littenseradiel hie in pear tûzen euro beskikber makke foar it Fryske taalbelied. Dat jild wie eins foar de wat mear 'bysûndere' projekten bestimd, bygelyks de priis foar de bêste doarpssjoernalistyk. In soad fan de aktiviteiten dy't falle ûnder it taalbelied, waarden betelle út it kommunikaasjebudget. It is net dúdlik wurden hoefolle fte's de gemeente Littenseradiel offisjeel ornearre hie foar it taalbelied Frysk.

#### 4.1.1.2 *Menameradiel & Frjentsjerteradiel*

De gemeenten Menameradiel en Frjentsjerteradiel wiene ek Fryksinnich, mar minder as Littenseradiel. De oanbelangjende dielnimmers sizze dat Menameradiel Fryksinniger wie as Frjentsjerteradiel.

Ien fan de dielnimmers jout oan dat Frjentsjerteradiel wol Frysk wie, mar foaral op in oantal spesifike punten. De gemeente hie in budzjet fan 10.000 euro beskikber steld foar it Frysk en hat derfoar keazen om dat binnen it ûnderwiis te besteegjen. Sy hawwe it Frysk doe keppele oan kultueredukaasje (bgl. Fryske stedskuiers, besite Jopie Huisman-museum). Omdat dat jild nei it ûnderwiis gie, subsidiearre de gemeente it gebrûk fan Frysk lesmateriaal foar bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken net (bgl. Tomke-projekt). Menameradiel stipe it Tomke-projekt wol.

Der wie by de gemeente Frjentsjerteradiel heechst wierskynlik gjin omtinken foar de behearsking fan it Frysk by de seleksje fan nije meiwurkers. De gemeente fûn it noflik as balymeiwurkers it Frysk ferstean of prate koene. Itselde jilde foar de taalkar oan 'e telefoan, mar dêr wiene gjin spesifike regels oer opsteld.

Meiwurkers fan de gemeente Frjentsjerteradiel hiene de mooglikheid in Fryske kursus te folgjen, mar dêr waard net in soad gebrûk fan makke. Menameradiel hat yn gearwurking mei Ljouwerteradiel, in incompany-training Frysk fersoarge foar meiwurkers fan dy twa gemeenten.

Fryske kulturele inisjativen waarden troch de gemeente Frjentsjerteradiel finansjeel stipe, lykas it lokale teater 'de Koornbeurs.' Op de mêden sport, rekreaasje en de soarch waard net in soad oandacht bestege oan it Frysk. Der wie ek gjin freonskipsbân mei in oar minderheidstaalgebiet yn Europa, wylst dat foarhinne wol sa west hast. It is net bekend hoe't dat yn Menameradiel regele wie.

De gemeente Frjentsjerteradiel hie offisjeel Nederlânske toponimen. Dat betsjut dat de plaknammebuorden earst de Nederlânske namme fermelden en dêrûnder de Fryske oersetting. Menameradiel hie offisjeel keazen foar Fryske toponimen, wêrby't de Fryske namme boppe de Nederlânske namme stie.

#### 4.1.1.3 *It Bilt*

It waard dúdlik dat op It Bilt benammen oandacht wie foar meartaligens, en dan foaral it Biltsk mei dêrneist it Frysk. De gemeente hie dan ek in taalbeliedsplan dêr't beide talen yn opnommen waarden. Dat hold yn dat beide talen sichtber makke waarden yn, mar ek bûten it gemeentehûs.

Gemeentlike stikken waarden faak twatalich oanbean, yn it Nederlânsk en it Biltsk. Somtiden waarden stikken trijetalich opsteld, lykas it jierferslach fan de boargemaster. Ek de website wie trijetalich, al wiene de Fryske en de Biltske ferzje minder wiidweidich as de Nederlânske. Op it gemeentehûs hiene meiwurkers en besikers de mooglikheid harren te uterjen yn de ferskillende talen.

Plaknammebuorden wiene op It Bilt twatalich, Nederlânsk boppe mei de Biltske oersetting dêrûnder. Utsûndering dêrop wie it doarp Minnertsgea, dêr't de Fryske oersetting brûkt waard neist de Nederlânske. Wetternammen yn de gemeente wiene yn it Biltsk. Materiaal foar it ûnderwiis, lykas it Tomke-projekt, waard op It Bilt yn it Biltsk en yn it Frysk útjûn.

Der wie gjin oandacht foar meartaligens yn it sportbelied út de gemeente wei. Yn de soarch wie der mear oandacht foar, benammen by de gebietsteams. Dêroer waard oanjûn dat de rol dy't meartaligens spilet yn de soarch faak ôfhinklik is fan de persoanen dy't de soarchynstelling oanstjoere. De gemeente It Bilt hie gjin freonskipsbân mei in oar minderheidstaalgebiet yn Europa.



De gemeente hie net sasear jild beskikber makke foar it taalbelied, mar wol foar saken dy't te krijen hiene mei taal of kultuer. It taalbelied wie ûnderdiel fan de kultuernota.

#### 4.1.2 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente

Yn it proses nei de weryndieling ta hawwe de taalamtners fan de fjouwer gemeenten yn in wurkgroep 'taalharmonisaasje' mei-inoar sjoen hoe't it taalbelied yn de nije gemeente foarmjûn wurde koe. Yn it begjinstadium fan de fúzje is sjoen nei it taalbelied fan de fjouwer gemeenten dat mei-inoar fergelike wurden is oan de hân fan it menusysteem. Op grûn fan harren befiningen hawwe de gemeenten in oergongsdokumint opsteld en oan de hân dêrfan sil de taalamtner fan de gemeente Waadhoeke in taalbeliedsplan opstelle.

De oanbelangjende dielnimmers wiene goed te sprekken oer dy wurkgroep. Ut de fraachpetearen wurdt dúdlik dat it benammen foar de gemeenten Littenseradiel en Menameradiel belangryk wie dat it Frysk goed op 'e kaart set waard, wylst de gemeente It Bilt him hurd makke foar it Biltsk yn de nije gemeente.

De gemeente Waadhoeke stie, yn 'e tiid fan de fraachpetearen, noch oan it begjin fan it ûntwikkeltrajekt fan it nije gemeentlike taalbeliedsplan. Ut de ynterviews falt te fernimmen dat de Waadhoeke benammen ynsette sil op meartaligens, yn stee fan allinnich op it Frysk. It Biltsk en it Frjentsjertersk krije ek in plak yn it nije taalbeliedsplan. Sa is it idee ûntstien om bygelyks, neist Fryske, ek Biltske taalkursussen oan de meiwurkers fan de gemeente oan te bieden.

Yn harren fúzjemagazine<sup>13</sup> jout de gemeente Waadhoeke ek oan meartaligens as spearpunt te hawwen. Yn it magazine stiet dat de gemeente in positive hâlding foar it ûntwikkeljen fan in *Franeke Woordenboek* oer hat, en dat it jierliks in priis útrikke sil oan in opfallend sjoernalistyk inisjatyf (bgl. in bysûnder artikel yn it Biltsk, in Frjentsjerter flog of in Frysktalige kollum) (gemeente Waadhoeke, 2018).

Der wurdt by de gearstalling fan it nije belied foaral sjoen hoe't de ynterne organisaasje meinommen wurde kin yn it taalbelied; de organisaasje moat der goed mei út de fuotten kinne en it moat gjin symboalpolityk wurde. Sa is de website fan de gemeente wol trijetalich, mar binne de Fryske en de Biltske ferzjes minder wiidweidich; allinnich saken dy't faak opsocht binne wurde oerset<sup>14</sup>.

Ek wurdt oanjûn dat de nije gemeente bygelyks mear oandacht hat foar meartalige gemeentetaspraken of parseberjochten, benammen om't der no mear kennis oanwêzich is út de oare gemeenten wei. De riedsgearkomsten binne ek meartalich.

It nije taalbelied sil nei alle gedachten perodyk hifke wurde, ek omdat dat opnaam is yn de 'Bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied yn de nije gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân en yn de nij te foarmjen gemeente Waadhoeke'. Doe't de ynterviews holden waarden, wie noch ûndúdlik oft en sa ja, hoefolle jild oft der beskikber komme sil foar it nije taalbeliedsplan. De budzjetten fan de ôfrûne jierren bliuwe no noch by de gemeenten yn de boeken stean. Dêrneist ferwachte Waadhoeke ek stipe te krijen fan de provinsje by it realisearjen fan it taalbelied.

#### 4.1.3 Takomst gemeente Waadhoeke

Oer de takomst fan it taalbelied yn de gemeente Waadhoeke binne de dielnimmers posityf. Sa ferwachtsje se dat troch de weryndieling oan it Frysk, it Biltsk en ta in bepaalde hichte it Frjentsjertersk,

<sup>13</sup> Begjin 2018 hat de gemeente Waadhoeke in fúzjemagazine útbrocht oer de fúzje fan de nije gemeente. It magazine is eins folslein Nederlânsktalich, útsein in tal Fryske en Biltske sitaten.

<sup>14</sup> De sosjale media dêr't de gemeente op aktyf is (bgl. Facebook, Twitter, Instagram) is eins folslein Nederlânsktalich.

goed oandacht bestege wurde sil. Ut it tige Fryksinnige Littenseradiel wei wurdt ek posityf sjoen nei de fúzje mei Waadhoeke. Littenseradiel hat dêr mear berikke kinnen as it giet om it Frysk as yn de oare gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân. De dielnimmers litte witte dat sy fansels noch ôfwachtsje moatte hoe't it taalbelied yn Waadhoeke yn de praktyk foarm krije sil.

## 4.2 Gemeente Noardeast-Fryslân

Op 1 jannewaris 2019 sil de nije gemeente Noardeast-Fryslân ûntstean troch in gearfoeging fan de hjoeddeistige gemeenten Ferwerderadiel, Kollumerlân c.a. en Dongeradiel. De nije gemeente sil ûngefear 45.000 ynwenners telle, ferspraat oer 52 kearnen, wêrûnder de stêd Dokkum (Provinsje Fryslân, 2017c).

Der wie al in tal jierren sprake fan in weryndieling, mei as earste konkrete stap ta fúzje de yntinsjefeklearing yn 2014, tekene troch de gemeenten Ferwerderadiel, Kollumerlân c.a., Dongeradiel en Dantumadiel. Dêr stiene twa mooglikheden yn ta it fergrutsjen fan de bestjoerskrêft: in amtlike fúzje en in weryndieling. Omdat de foarkar fan de fjouwer rieden net yn oerienstimming wie, is earst besletten ta in amtlike fúzje.

De amtlike organisaasjes binne sûnt 1 jannewaris 2017 mei-inoar gearfoege ûnder de namme DDFK (Overheid, 2017). De gemeente Dantumadiel is by dy amtlike fúzje behelle, mar sjocht derfan ôf om ek bestjoerlik mei de oare gemeenten te fusearjen. Dy foarm fan gearwurking is bysûnder, want sa'n soarte fúzje barde nea earder (Gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân c.a, 2017).

Mei it taalbelied is de situaasje ek bysûnder, want de earste nota taalbelied fan Noardeast-Fryslân is wol ûndertekene troch wethâlder Emke Peterzon fan Dantumadiel (wylst Dantumadiel gjin ûnderdiel is of wurdt fan Noardeast-Fryslân), mar net troch Pytsje de Graaf, dy't as wethâlder fan Dongeradiel it inisjatyf naam ta dy earste mienskiplike nota taalbelied.

Lykas yn Waadhoeke, hat de gemeente Noardeast-Fryslân te krijen mei in unike taalsituaasje. Neist it Nederlânsk en Frysk wurdt yn de hjoeddeistige gemeenten Kollumerlân c.a. en Dongeradiel in foarm fan it Stedsfrysk sprutsen yn Dokkum en Kollum (Provinsje Fryslân, 2014), en yn de doarpen Boerum, Kollumerpomp, Muntsjesyl en Warfstermûne in mingfariëteit dy't sjoen wurde kin as in fariant fan it Stedsfrysk. Fan it dialekt dat sprutsen wurdt yn Muntsjesyl, wurdt ek wol tocht dat it in fariant fan it *Westerkwartiers* is, in Saksyske taalfariant dy't yn it westen fan de provinsje Grinslân sprutsen wurdt (Fryske Akademy, 2018).



Ofbylding 3 De takomstige gemeente Noardeast Fryslân (brún) (Boarne: <http://www.dongeradeelsociaal.nl/2016/04/dongeradeel-sociaal-voor-herindeling-met-kollumerland-en-ferwerderadiel/>)

#### 4.2.1 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de hjoeddeistige gemeenten

Yn dizze paragraaf wurdt koart yngien op de rol fan it Frysk yn de hjoeddeistige gemeenten Kollumerlân c.a., Ferwerderadiel en Dongeradiel.

##### 4.2.1.1 Kollumerlân c.a.

De offisjele gemeentenamme is ‘Kollumerland en Nieuwkruisland’, wat faak ôfkoarte wurdt ta ‘Kollumerlân CA’ (cum annexis, mei byhearrende gebieten). Dy annexis binne benammen de wat minder Fryske doarpen en streken oan de eastkant fan de gemeente as bygelyks Muntsjesyl, Warfstermûne, Boerum en Kollumerpomp.

It is krekt de rike taalfariaasje dy’t Kollumerlân tsjinholden hat om in eigen taalbelied fêst te lizzen. Mar ûnder ynfloed fan de oansteande bestjoerlike fúzje mei Dongeradiel en Ferwerderadiel is der no foar it earst in taalbeliedsplan, neffens de boargemaster. De weryndieling betsjut foar Kollumerlân ek in stikje ferfrysking, konstatarret boargemaster Bilker. Hy fynt wol dat de nije gemeente mei ‘ferdrach’ hannelje moat, sûnder twang en mei iepen each foar de eigen taalminderheden. Taalgebrûk leit, fanwege dy eigen taalminderheden, gefoelich yn de gemeente.

Kollumerlân hat gjin amtner Frysk, mar in amtner kultuer, dy’t ek it Frysk docht. It Frysk wie eins net sa sichtber yn it gemeentehûs fan Kollumerlân, mar yn DDFK-ferbân is besletten dat alle ôfdielingen en funksjes fan de DDFK-organisaasje in Fryske namme krije. “Alles is yn it Frysk, ta argewaasje fan guon fan ús amtners,” seit Bilker.

Op it gemeentehûs fan Kollum is wol altyd in soad Frysk praat, mar net skreaun. Yn de gemeenteried prate hast alle riedsleden yn it Frysk oer in Nederlânsktalige aginda en Nederlânsktalige stikken. De boargemaster jout oan dat dêrby ek rekken holden wurdt mei de net-Frysktaligen yn de easthoeke fan de gemeente.

Frysk prate oan de telefoon is gewoan. Bilker lit syn eigen taalgebrûk ôfhingje fan de situaasje. Offisjele útnûgingen fan de gemeente binne yn prinsipe twatalich.

It Fryske part fan de gemeente hat Fryske strjitnammen, mar Kollum en de easthoeke fan de gemeente net. Kollumerlân lit dat fan de ynwenners fan de doarpen ôfhingje.

De gemeente praat net mei soarchynstellingen oer it Frysk, omdat de gemeente dêr formeel gjin foech hat, al wit de boargemaster dat de taal wichtich is yn de soarch. It toanieloanbod yn Kollumerlân is hast allegearre yn it Frysk, mar yn haadplak Kollum net. Kollumerlân hat gjin spesifyk belied op dat mêd.

##### 4.2.1.2 Ferwerderadiel

De gemeente Ferwerderadiel wurdt troch de dielinimmers sjoen as de meast Frysksinnige gemeente fan de takomstige gemeente Noardeast-Fryslân. Ut it fraachpetear mei wethâlder Hijma wurdt ek dúdlik dat yn de gemeente it brûken fan it Frysk hiel natuerlik is. Meiwurkers brûke it Frysk faaks al automatysk en de taal wurdt al jierren sichtber makke binnen en bûten it gemeentehûs.

Dat binne saken dy’t ek fêstlein binne yn it taalbeliedsplan fan de gemeente, dat fan 2005 oant 2015 fan krêft wie. Dêrnei is besletten om it taalbelied op te pakken yn DDFK-ferbân. “De oaren hienen niks, oant praktysk niks,” neffens de wethâlder. It beliedsstik fan Ferwerderadiel hat dêrom ek as grûnslach fungearre foar de taalnotysje fan de DDFK-gemeenten.

It taalbeliedsstik fan Ferwerderadiel waard periodyk hifke troch in spesjale kommisje Frysk, dy’t bestie út seis persoanen fan ferskillende fraksjes. Dy kommisje kaam net faak byinoar, mar yn ‘e oanrin

nei it gearstallen fan it nije beliedsstik hat de gemeente in tal kearen mei dizze minsken om 'e tafel west. Neffens de wethâlder fûnen de oare gemeenten "it mar raar" dat de gemeente Ferwerderadiel sa'n kommisje hie.

It grutste part fan de meiwurkers by de gemeente Ferwerderadiel is Frysktalich. De wethâlder praat sels eins ek altyd Frysk, al skeakelet er oer op it Nederlânsk as ien him net ferstean kin. Hijma besiket meastentiids ek yn it Frysk te mailen: "Dan krijst dus hele leuke reaksjes fan minsken dy't dat ek besykje." Guon dy't de taal skriftlik net sa goed behearskje, besykje him ek faak wol yn it Frysk te antwurdzjen.

It Frysk wurdt goed sichtber makke binnen it gemeentehûs. Alle beweiwizing yn it gemeentehûs fan Ferwerderadiel is yn it Frysk. Yn riedsgearkomsten wurdt meast Frysk brûkt, útsein troch guon dy't net-Frysktalich binne, lykas de boargemaster. De ferslchlizzing is twatalich en wurdt opmakke neffens it taalgebrûk yn de riedsgearkomste.

Balymeiwurkers op it gemeentehûs behearskje it Frysk. Oan de telefoan wurdt ek Frysk brûkt as de boarger him yn it Frysk oppenearret. Itselde jildt foar boargersaken. As funksje-eask wurdt it behearskjen fan it Frysk dêrom ek sjoen as in pree. Ferwerderadiel makke it dêrneist mooglik foar meiwurkers om in kursus Frysk te folgjen op kosten fan de gemeente. It is de wethâlder net dúdlik oft kursussen ek foar ynwenners subsidiearre waarden.

Fryske brieven wurde yn it Frysk beäntwurde en de gemeente is krekt op it neikommen fan dy ôfspraak. Dêrfoar geane de measte parseberjochten yn it Nederlânsk de doar út, wylst de skriuwer faak it Frysk goed behearsket. Oft taspraken ek yn it Frysk holden wurde, hinget faak fan de bestjoerder ôf, mar Hijma docht it sels meastentiids al yn it Frysk.

It jierferslach wurdt ientalich yn it Nederlânsk útbrocht. De website wie oant in tal jierren lyn twatalich, mar omdat de website net goed rûn moast de gemeente in nijenien meitsje. Mei de oankommende weryndieling yn sicht, hat Ferwerderadiel keazen foar in ientalich Nederlânske website.

Ek bûten it gemeentehûs hat it Frysk yn Ferwerderadiel in plak. Al sûnt de tachtiger jierren hat de gemeente Frysktalige plaknammebuorden. Strjitnammen dy't oflaat binne fan in plaknamme, en nije strjitten, binne ek yn it Frysk.

Frysktalige kulturele inisjativen wurde stipe troch de gemeente. Eins is der gjin oandacht foar it Frysk yn it sport-, toerisme- en rekreaasjebelied fan Ferwerderadiel. De wethâlder tinkt ek dat der net spesifyk oandacht is foar it Frysk yn de soarch. Op it mêd fan útwikseling oer de steatsgrinzen hinne hat Ferwerderadiel, lykas in soad fan de oare gemeenten dy't meinommen binne yn dit ûndersyk, gjin freonskipsbân mei in oar minderheidstaalgebiet.

It budzjet foar it útfieren fan it taalbelied wie sa'n fiif-, seistûzen euro neffens de wethâlder. In grut part fan dat budzjet, sa'n 3.500 euro, stuts de gemeente sûnt 2008 yn it projekt *Jou in bern in boek*. De aksje foarsjocht deryn dat alle bern fan alle basisskoallen twa kear yn har skoalkarriêre in Frysktalich boek krije, yn groep 2 en yn groep 8. Ferwerderadiel hopet dat it projekt neifolging krijt yn de nije gemeente.

#### 4.2.1.3 Dongeradiel

Dongeradiel wurdt sjoen as minder Frysktalich as Ferwerderadiel. Dochs is Dongeradiel, ôfgeand op de útkomsten fan de Taalatlas, in yn haadsaak Frysktalige gemeente.

Yn de Taalnota Frysk Taalbelied, dy't fan 2012 oant 2015 fan krêft wie, wurde de foarnimmens op it mêd fan taalbelied fan Dongeradiel werjûn. Opfallend oan dat stik is dat de gemeente eksplisyt omtinken jout oan foarljochting oer it Frysk oan allochtoanen yn harren ynboargeringskursus (Gemeente

Dongeradeel, 2011). Sa wurdt neamd dat de gemeente foarljochttingsmateriaal beskikber stelle wol oer it wenjen yn Fryslân, dêr't ek yngien wurde sil op it Frysk. Yn de nota stiet ek dat it Friesland College derfoar soargje sil dat net-Frysktalige nijkommers in kursus Frysk foar allochtoanen folgje kinne. De gemeente wol dy kursus foar dizze groep minsken subsidiearje. Oft dy beliedsfoarnimmers yn de praktyk ta útfier brocht binne, is ûndúdlik.

#### 4.2.1.4 *Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente*

Ut de fraachpetearen wurdt dúdlik dat it doel fan de nije taalnota harmonisaasje is: it stribjen nei ien mienskiplik taalbelied foar de nije gemeente Noardeast-Fryslân. Dêrby is fansels ek sjoen nei it taalbelied fan de fjouwer dielnimmende gemeenten Dantumadiel, Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân, wêrby't as útgongspunt jildt dat it de bedoeling is om meastentiids it belied fan de gemeente dy't 'it meast fiergeande' taalbelied hat oer te nimmen (DDFK gemeenten, 2017).

Dochs kamen de trije ek bestjoerlik fusearjende gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân der net hielendal út. Yn septimber 2017 wegere de gemeente Dongeradiel de earste mienskiplike nota oan de ried foar te lizzen, omdat dy net foldwaan soe oan de lykweardigens fan de taal. As de telefoan opnommen wurdt by de gemeente en it is in Fryskprater, dan moat dy ek yn it Frysk te wurd stien wurde, seit wethâlder Pytsje de Graaf fan Dongeradiel op Omrop Fryslân radio oer it ferskil fan ynsjoch. De nije taaloardering Frysk wurdt no oerlitten oan de nije gemeenteried fan de nije gemeente. Oant dy tiid jildt it âlde taalbelied en de âlde taaloardering. De earste taalnota fan Noardeast-Fryslân is sadwaande wol fêststeld en oannommen troch Ferwerderadiel en Kollumerlân, mar net troch Dongeradiel. Der lizze no twa taalnota's en dêr moat yn de nije gemeente ien fan makke wurde (Omrop Fryslân, 2017).

It ferskil fan ynsjoch tusken Dongeradiel oan de iene kant en fúzjepartners Ferwerderadiel en Kollumerlân giet foaral oer it personielsbelied fan de fúzjegemeente op it mêd fan taal. Wylst yn de mienskiplike nije taalnota benammen de formulearring brûkt wurdt dat it 'in pree is' dat amtners it Frysk yn 'e macht hawwe of oars ree wêze moatte om op kursus te gean, jildt yn de âlde nota fan Dongeradiel foar ferskate funksjes dat it Frysk funksje-eask is. Hoe't it personielsbelied fan Noardeast-Fryslân der op dat terrein krekt út komt te sjen is oan de nije gemeenteried en it nije kolleezje fan b. en w.

Dy tydlike situaasje is 'wol lestich' foar de amtlik al fusearre organisaasje DDFK, omdat de gemeente Dongeradiel gjin eigen amtners mear hat. "Ien organisaasje fiert ien personielsbelied, dêr kinne je gjin ûnderskied yn meitsje." DDFK besiket no wat tusken beide stânpunten troch te lavearjen. Foaral fan amtners dy't by it klantkontaktsintrum wurkje wurdt eins wol ferwachte dat se it Frysk yn 'e macht hawwe. "Ferplichtsje kinne wy it net, mar fan minsken dy't it net kinne, wurdt wol ferwachte dat se op kursus geane." Yn persoanielsadvertinsjes wurdt ek gauris de formulearring brûkt dat it 'in pree is' foar gadingmakkere as se it Frysk behearskje.

Op it eigen ynternetkanaal wurde geregeld kursussen Frysk oanbean. DDFK organisearret dy yn 'e mande mei de gemeenten Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel. Troch dy wat gruttere massa is it eins altyd wol mooglik om kursussen op ferskate nivo's oan te bieden, yn de baas syn tiid, yn ien fan de oanbelangjende gemeentehuzen. Amtners kinne harsels opjaan, mar teamlieders kinne ek amtners foardrage.

De gemeente subsidiearret AFUK-kursussen foar folwoeksenen struktureel. Dêrnjonken wurde ek kursussen oanbean oan meiwurkers fan doarpsbelangen en redaksjeleden fan doarpskrantsjes en doarpswebsites, sadat dy ek mear – en better – Frysk skriuwe kinne. Yn de taalnota fan Noardeast-

Fryslân is gjin omtinken foar kursussen Frysk foar allochtoanen, wylst dat yn de taalnota fan de gemeente Dongeradiel al in plak hie.

Om de taalbehearsking by de nije fusearre gemeente Noardeast-Fryslân noch better yn kaart te bringen komt der in enkête ûnder alle meiwurkers. Dy enkête wurdt, as it heal kin, twatalich útfierd neffens ien fan de dielnimmers. Foar dy enkête is mei yngong fan 1 april 2018 in tydlike ekstra meiwurker oanlutsen foar 400 oeren, wat mooglik makke is troch stipe fan de provinsje.

De provinsje Fryslân hat dy subsidzje fan 30.000 euro takend om mei in stikmannich foarnimmers út de earste mienskiplike taalnota oan de slach te gean. Njonken de enkête en it personielsbelied sil dy nije meiwurker de organisaasje ek stypje by it twatalich meitsjen fan de website fan de nije gemeente. De website fan de amtlik fusearre gemeenten DDFK is op it stuit (juni 2018) noch ientalich Nederlânsk (DDFK, 2018), mar dêr soe noch dit kalinderjier feroaring yn komme moatte. It giet de fúzjegemeente te fier om de website folslein dûbeldtalich te meitsjen. Oan de website fan Noardeast-Fryslân wurdt noch boud. Dy site wurdt net folslein dûbeldtalich, mar it Frysk krijt wis in plak op dy nije site. De Fryske ferzje moat nei alle gedachten in stik minder wiidweidich wurde as de Nederlânsktalige ferzje. It is it doel dat de nije gemeente op sosjale media ek geregeld it Frysk brûke sil.

DDFK stribbet nei in situaasje wêrby't op alle ôfdielingen op syn minst twa amtners it Frysk sa goed yn 'e macht hawwe (ek skriftlik) dat se ek ynset wurde kinne as 'taalomtinkers' foar harren kollega's. It fenomeen en ek it wurd 'taalomtinker' komt by de gemeente Dongeradiel wei. Fan taalomtinkers wurdt ferwachte dat se kollega's stypje by it brûken fan it Frysk.

Yn de gemeenterieden fan de trije fusearjende gemeenten wurdt yn de regel mear Frysk as Nederlânsk praat, mar troch Nederlânsktalige riedsleden ek wol Nederlânsk. Yn Dongeradiel en Kollumerlân is de wurklist fan de gearkomsten yn it Nederlânsk. Noardeast-Fryslân hat yntusken formats oanmakke foar Frysktalige riedsútstellen en in Frysktalige riedsagenda, mei as doel om yn 'e takomst mear Frysk te brûken. Hiel konkrete doelstellingen yn de sfear fan persintaazjes binne der noch net, oars net as dat it 'mear' wurde moatte soe as dat it no is. Op dit stuit is it gebrûklik dat allinnich by 'typysk Fryske ûnderwerpen' Frysktalige útstellen foar kolleezje en ried makke wurde, lykas by de nije nota taalbelied.

Wa't de DDFK-gemeenten opbelle, krijt yn earste ynstânsje in bantsje mei in menu yn it Nederlânsk te hearren. Oanslutend wurdt de beller yn it Frysk te wurd stien troch de telefoaniste. Noardeast-Fryslân stint noch om op mooglikheden om ek dat bantsje twatalich te krijen op it stuit dat de nije gemeente begjint yn 2019. Boargers dy't de gemeente in Frysk brief skriuwe, krije yn prinsipe altyd in Frysk antwurd. Utnûgingen foar resepsjes en oare gearkomsten binne safolle mooglik twatalich. Utgongspunt dêrby is it fergrutsjen fan de sichtberens fan it Frysk. It jierferslach fan de gemeente is net yn it Frysk, mar de koälysje-akkoarten binne dat wol, of binne oars twatalich.

Noardeast-Fryslân is fan doel om nije ynwenners taaltaskes oan te bieden. De gemeente hat in subsidzjepotsje foar Frysktalige kulturele manifestaazjes. By de biblioteken wurdt sjoen nei it oanbod oan Fryske boeken. De lokale omrop RTV NOF docht op de radio in soad yn it Frysk, mar kombinearret dat mei de Nederlânsktalige website. De gemeente hat him oant no ta net bemuid mei it taalbelied by RTV NOF, mar it oanbieden fan taalkursussen wurdt dêr ek sjoen as in mooglikheid.

Yn de nije taalnota stiet dat DDFK graach wol dat alle pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen twatalich wurde en it soe ek graach it oantal trijetalige basisskoallen ferdûbelje wolle (DDFK gemeenten, 2017).

It Frysk yn de soarch fynt de gemeente Noardeast-Fryslân wichtich, mar echt belied dêrfoar moat noch wol op poaten set wurde. Utgongspunt dêrby is dat de minsken dy't foar de gemeente it fjild yn

geane it Frysk machtich wêze moatte of yn alle gefallen ferstean kinne. Ien fan de dielnimmers seit dêroer: *“Foar in goed petear is it praten fan deselde taal wichtich. Yn it begjin fan it petear wurdt dêrom altiten hifke hokker taal de boarger prate wol en foarsafier mooglik slút de fertsjintwurdiger fan de gemeente dêrby oan.”*

De begrutting foar it taalbelied fan DDFK is op dit stuit noch in ienfâldige optelsom fan de ynspanningen fan de fjouwer amtlik gearwurkjende gemeenten. Dat komt del op 50.000 euro op jierbasis. Op dit stuit kin Noardeast-Fryslân in ekstra slach meitsje tanksij de ekstra stipe fan 30.000 euro fan de provinsje.

#### 4.2.2 Takomst taalbelied gemeente Noardeast-Fryslân

De dielnimmers jouwe oan dat sy derfan útgean dat it Fryske taalbelied fan Noardeast-Fryslân net minder wurde sil as dat fan de trije âlde gemeenten. Wethâlder Hijma fan Ferwerderadiel tinkt dat de nije taalnota sels “wat strakker” wêze sil as it taalbelied fan de gemeente Ferwerderadiel. Dêrom sil der neffens de wethâlder foar de ynwenners fan Ferwerderadiel net safolle feroarje op it mêd fan it taalbelied by it oergean nei de nije gemeente.

Dêrneist wurdt neamd dat stipe fan de provinsje bot helpe kin om it Frysk yn stân te hâlden. Ek wurdt de kommissaris fan de Kening sjoen as in positive oanstjoerder fan it Frysk.

Oer it algemien sjogge de oanbelangjende dielnimmers de fúzje mei betrouwen temjitte. “Der is it nedige foarwurk dien. It Fryske taalbelied moat stean as de nije gemeente begjint, dat is it doel.” Dochs wurdt troch ferskate dielnimmers, wêrûnder boargemaster Bilker, oantrune op omtinken foar oare mingfariëteiten yn 'e regio. Dat wurdt eins net sichtber makke yn de nije taalnota fan de gemeente.

### 4.3 Gemeente Ljouwert

De gemeente Ljouwert yn syn hjoeddeistige foarm is op 1 jannewaris 2018 ûntstien troch in fúzje mei de gemeente Ljouwerteradiel en in part fan de gemeente Littenseradiel (sjoch ôfbylding 2).

Der is út Ljouwerteradiel wei sûnt 2013 ynset op dy weryndieling. Lykas yn Littenseradiel, dêr't troch de ynwenners besletten waard om in part fan de gemeente gear te foegjen mei Ljouwert, waard ek yn Ljouwerteradiel in referindum holden ûnder de ynwenners. Dêrút die bliken dat in mearderheid fan 77 prosint fan de ynwenners by de gemeente Ljouwert oanslute woene (Gemeente Leeuwarderadeel, 2017). De weryndieling is sûnt begjin 2018 offisjeel.

Neffens it tal ynwenners (hast 123.000) is de nije gemeente Ljouwert de grutste gemeente fan Fryslân. De ynwenners binne ferspraat oer 35 kearnen, dêr't it haadplak Ljouwert fierwei de grutste fan is (Wikipedia, 2018a).

De gemeente Ljouwert is meartalich; neist it Nederlânsk, Frysk en mooglike oare (migrante-) talen, wurdt yn de stêd Ljouwert Stedsfrysk sprutsen, dat ek wol it *Liwwadders* neamd wurdt (Provinsje Fryslân, 2014).

#### 4.3.1 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten

Yn dizze paragraaf wurdt koart yngien op de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten Littenseradiel, Ljouwerteradiel en Ljouwert. Sa as yn paragraaf 4.1.1.1 oanjûn wurdt, wie de gemeente Littenseradiel de gemeente mei it meast fiergeande taalbelied fan de provinsje Fryslân.

#### 4.3.1.1 Ljouwerteradiel

Yn Ljouwerteradiel wie it taalbelied minder fiergeand as yn Littenseradiel. Sa hie de gemeente gjin offisjeel taalbeliedsplan, mar wol in notysje Frysk dy't fêststeld wie troch de ried. Yn dy notysje waard praat oer beliedsfoarnimmers oangeande it Frysk. De notysje waard yn it earstoan wol perodyk hifke, letter waard dat minder. Neffens ien fan de dielnimmers wiene de foarnimmers heech en hiel ambisjeus en dêrom lestich wier te meitsjen yn de deistige praktyk.

Oanjûn wurdt dat de gemeente Ljouwerteradiel hiel praktysk omgie mei it taalbelied. Dêrom waard op ferskillende mêden ek wol oandacht bestege oan it Frysk. Sa stipe de gemeente it Tomke-projekt, wie de statyske ynformaasje op de website twatalich en wiene de kombuorden yn it Frysk, mei dêrûnder de Nederlânske oersetting. Boargers koene yn it Frysk kontakt opnimme mei de gemeente, en dêr in Frysk antwurd op werom ferwachtsje. Yn de praktyk kaam der in soad op de taalamtner fan de gemeente oan, benammen as it gie om Frysk skriuwen. It taalbelied waard neffens in dielnimmer net organisaasjebreed droegen.

De gemeente Ljouwerteradiel hie neist de oerlizen dy't der wiene mei oare gemeenten oer it gemeentlik taalbelied ûnder lieding fan Gemeenten & Frysk, ek bûten dat inisjatyf om in soad kontakt mei oare gemeenten. Sa wie der oerlis mei de gemeenten It Bilt, Ferwerderadiel en Menameradiel oer it gemeentlik taalbelied en koene se mei-inoar ideeën útwikselje. Sa is yn gearwurking mei de gemeente Menameradiel in incompany-training Frysk foar meiwurkers fan beide gemeenten fersoarge.

Yn 'e oanrin nei de gemeentlike weryndieling fan jannewaris 2018 hat Ljouwerteradiel mei de gemeente Ljouwert yn oerlis west oer it gemeentlike taalbelied. Dy oerlizen wiene "*in bytsje stroperich*," omdat Ljouwert neffens in dielnimmer net in hiel soad oan taalbelied die en no fan it hiele Fryksinnige belied fan Littenseradiel en it minder Fryksinnige belied fan Ljouwert en Ljouwerteradiel ien meitsje moast. Dochs wiene der úteinlik gjin saken dy't foar grutte problemen soarge hawwe by dy oerlizen.

#### 4.3.1.2 Ljouwert

Yn de gemeente Ljouwert krige it taalbelied foar de gemeentlike weryndieling net in hiel soad omtinken. Redenen dy't de dielnimmers dêrfoar jouwe is dat yn in gruttere stêd as Ljouwert it Frysk mar in beheinde rol spilet neist it Nederlânsk, it Stedsfrysk en oare (migrante-)talen.

Oanjûn wurdt dat de gemeente Ljouwert eins oan alle wetlike ferplichtingen foldie en dat it Frysk, as dat nedich wie, altyd betsjinne wurde koe. Dochs hie de gemeente Ljouwert, lykas Ljouwerteradiel gjin offisjeel gemeentlik beliedsplan. Der wiene neffens de dielnimmers wol plannen op it mêd fan taalbelied, mar dêr waard eins net op stjoerd.

De gemeente Ljouwert hie hielendal gjin jild beskikber makke foar it gemeentlike taalbelied Frysk. Om al wat oan it Frysk te dwaan, en benammen it Frysk mear sichtber te meitsjen yn de stêd, hat de gemeente finansjele stipe krigen fan de provinsje Fryslân.

De taalamtner fan de gemeente Ljouwert hat yn de oanrin nei de gemeentlike weryndieling oerlis hân mei de gemeenten Ljouwerteradiel en Littenseradiel. Nei oanlieding fan dat oerlis is doe in konsepttekst opsteld, dy't ek foarlein is oan de amtners fan de oare gemeenten. Oanjûn wurdt dat Ljouwerteradiel dêr earder tefreden mei wie as Littenseradiel. Wethâlder Feitsma jout dêroer oan dat der út de gemeente Littenseradiel wei yn it begjin wol "*wat soarch*" wie oer it Fryske taalbelied yn de nije gemeente. Dat wie benammen omdat Littenseradiel fûn dat de beide gemeenten in oare wurkwize



hiene wat it Frysk oanbelanget. Uteinlik koe ek Littenseradiel wol ynstimme mei it hjoeddeistige belied fan de gemeente Ljouwert. Ljouwert sil de 'Rely Jorritsmapriis' oernimme fan Littenseradiel.

#### 4.3.2 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente

Ut de petearen mei de oanbelangjende dielnimmers wurdt dúdlik dat de gemeente Ljouwert benammen ynsette sil op meartaligens, yn stee fan allinnich op it Frysk.

Neffens wethâlder Feitsma giet de gemeente Ljouwert hiel pragmatysk om mei it Frysk, omdat noch altyd it grutste part fan de ynwenners fan Ljouwert Nederlânsktalich is. Dochs komt it nije taalbelied neffens him ek temjitte oan de winsken út de mear Fryksinnige doarpen wei om de mooglikheid te hawwen om mei de gemeente te kommunisearjen yn it Frysk: *"Dat hawwe wy boarge en dat is neffens my it wichtichste."*

Sa as de oanbelangjende dielnimmers sizze, de gemeente foldocht oan alle easken en docht sels in bytsje ekstra. Dat bytsje ekstra is it sichtber meitsjen fan de Fryske taal yn de stêd Ljouwert, dy't yn 2018 Kulturele Haadstêd fan Europa is. Dat wurdt bygelyks dien troch it projekt Lân fan Taal, en de Fryske wurden dy't te sjen binne op ferskillende plakken yn de stêd. Omdat dêrfoar út de gemeente wei gjin jild beskikber makke is, wurdt dat troch de provinsje finansiere.

Dêrneist is de gemeente dwaande mei de ûntwikkeling fan de IKC's (Integrale Kindcentra). Dy IKC's wurde keppele oan profilen en de gemeente is no dwaande om dêr ek in profyl Frysk oan te keppeljen, wêrtroch't bern yn kontakt komme mei de Fryske taal en kultuer.

Yntern wurdt it Frysk net altyd dúdlik sichtber makke. Sa wurdt ûnder riedsgearkomsten it Frysk mar in bytsje brûkt; neffens de oanbelangjende dielnimmers docht eins allinnich de FNP dat. De offisjele riedsstikken wurde faak Nederlânsktalich opsteld, allinnich as it stik fan de FNP is, is it yn it Frysk.

Balymeiwurkers moatte it Frysk passyf behearskje, wat yn de praktyk betsjut dat der altyd ien oanwêzich is dy't Frysk prate kin. As men de gemeente opbellet, wurdt men trochferbûn nei it KCC (Klant Contact Centrum), dêr't eins elkenien Nederlânsk praat. Dochs wurdt oanjûn dat as men Frysk prate wol, dat altyd mooglik is. Meiwurkers fan de gemeente krije de mooglikheid om in kursus Frysk te folgjen.

In Frysk brief oan de gemeente wurdt yn it Frysk beäntwurde en de klachteproseduere kin yn it Frysk trochrûn wurde.

Eins wurde der gjin Fryske taspraken holden of Fryske parseberjochten ferstjoerd troch de gemeente. Utnûgingen foar bygelyks in resepsje wurde net yn it Frysk opsteld en it jierferslach fan de gemeente wurdt net yn it Frysk beskikber makke. Op it stuit wurdt ek gjin Frysk brûkt yn de gemeentegids, mar dêr wol de gemeente feroaring yn bringe troch der in twatalich foarwurd yn op te nimmen. Dat is meinommen as oanbefelling yn it nije taalbeliedsplan.

De website fan de gemeente wurdt trijetalich oanbean, yn it Nederlânsk, Ingelsk en Frysk. De Fryske ferzje is wiidweidich. Wol wurdt oanjûn dat der folle minder besikers binne op dy Fryske ferzje fan de website. It Frysk wurdt net brûkt op 'e *social media*.

Nije ynwenners krije op it stuit noch gjin foarljochting oer de meartalige situaasje yn de provinsje Fryslân. Dat is wol meinommen as oanbefelling yn it nije beliedsplan.

De gemeente Ljouwert stipet Frysktalige kulturele inisjativen, en de gemeente hat in freonskipsbân mei in plak yn it bûtenlân. Dat is de stêd Liyang yn Sina, mar dêr is gjin sprake fan in minderheidstaal.

It brûken fan it Frysk yn doarps- en streekblêden waard yn de âlde gemeente net stimulearre, en dat sil yn de nije gemeente ek net it gefal wêze. Dat jildt ek foar it sportbelied en it soarchbelied. Der is

wol omtinken foar it Frysk yn it toerisme- en rekreaasjebelied fan de gemeente, troch bygelyks it brûken fan it Frysk yn folders.

De plaknammen fan de gearfoege gemeenten bliuwe neffens de dielnimmer ûnferoare. Dochs docht ein juny 2018 bliken dat it kolleezje fan B&W besletten hat om de kombuorden fan de eardere gemeenten Littenseradiel en Ljouwerteradiel te foarsjen fan it ûnderskrift *gem. Leeuwarden*, wylst de gemeente yn de nota beskreaun hie dat op de buorden it ûnderskrift *gem. Ljouwert* stean soe (*Leeuwarder Courant*, 2018).

#### 4.3.3 Takomst taalbelied gemeente Ljouwert

Ut de petearen komt nei foaren dat de gemeente Ljouwert net de ambysje hat om it Fryske taalbelied fierder út te wreidzjen, mar dat it der ek net minder op wurde sil. De dielnimmers jouwe oan dat meartaligens foar harren wichtich is en bliuwt, en dat it Frysk sichtber en “*leuk*” bliuwe moat.

Yn 'e tiid fan de ynterviews wie it nije taalbeliedsplan wol klear, mar noch net fêststeld troch B&W en de gemeenteried.

Foar oanfoljend belied op it mêd fan it Frysk wurdt troch de dielnimmers benammen sjoen nei de provinsje foar finansjele stipe. Ien fan de belutsenen jout dêrnei oan net de winsk te hawwen dat der mear jild beskikber komt foar it Frysk út it gemeentlik budzjet om't dat jild better foar oare saken brûkt wurde kin.

## 4.4 Gemeente Súdwest-Fryslân

De gemeente Súdwest-Fryslân is in produkt fan meardere weryndielingen. De gemeente is op 1 jannewaris 2011 ûntstien troch in fúzje fan de trije plattelângemeenten Nijefurd, Wûnseradiel en Wymbritseradiel en de twa stedsgemeenten Boalsert en Snits. Op 1 jannewaris 2014 is de gemeente útwreide mei in part fan Boarnsterhim, en op 1 jannewaris 2018 mei in part fan Littenseradiel, wêrtroch't it oantal ynwenners no útkomt op sa'n 89.000, ferspraat oer 89 doarpen en stêden (Leeuwarder Courant, 2017). Troch de lêste útwreiding is de gemeente Súdwest-Fryslân yn oerflakte ien fan de grutste gemeenten fan Nederlân (Wikipedia, 2018b).



Ofbylding 4 De gemeente Súdwest-Fryslân nei de weryndieling mei in part fan Littenseradiel (brún) yn 2018 (Boarne: <http://www.themanieuws.nl/app/publication/VSWF171/5197>)

Yn Súdwest-Fryslân wurde twa farianten fan it Frysk sprutsen: it Súdwesthoeksk en it Klaaifrysk. Neist it Frysk, Nederlânsk en mooglike oare (migrante-)talen, wurdt yn Boalsert en Snits ek it Stedsfrysk sprutsen (Provinsje Fryslân, 2014).

De fúzje fan fiif folsleine gemeenten yn 2011 kin sjoen wurde as yngripend, ek as it giet om taalbelied. Yn de trije oarspronklike plattelângemeenten dy't yn 2011 fusearre binne, spile it Frysk in grutte rol yn it deistich libben fan de ynwenners (Gorter & Jonkman, 1995). De lettere weryndielingen draaie om grinskorreksjes mei parten fan plattelângemeenten dêr't it Frysk ek mear posysje hie as yn de eardere stedsgemeenten.

### 4.4.1 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten

Yn dizze paragraaf wurdt koart yngien op de rol fan it Frysk yn de âlde gemeenten Littenseradiel, en Wymbritseradiel, gemeenten dy't beide, resint en yn it ferline, fusearre binne mei Súdwest-Fryslân. Sa as yn paragraaf 4.1.1.1 oanjûn wurdt, wie de gemeente Littenseradiel de gemeente mei it meast fiergeande taalbelied fan de provinsje Fryslân.

#### 4.4.1.1 Wymbritseradiel

Yn de gemeente Wymbritseradiel, dy't yn 2011 opgie yn de nije gemeente Súdwest-Fryslân, waard it Frysk natuerlik brûkt. Der waard neffens âld-wethâlder Gerbrandy in soad Frysk praat en skreaun. Yn de lêste perioade siet Wymbritseradiel op sa'n 10 oant 15 persint Frysktalige amtlike stikken.

It Frysk falt of stiet mei de politike wil om de taal te brûken en te stypjen neffens Gerbrandy. Der wie neffens him in breed draachflak foar it Frysk yn de gemeente Wymbritseradiel.

Dy politike wil liket yn Súdwest-Fryslân minder oanwêzich te wêzen. It Frysk hat by de gemeente Súdwest-Fryslân yn de eagen fan ynwenner en âld-riedslid Gerbrandy in folle legere prioriteit as foarhinne yn Wymbritseradiel. Hy fynt eins dat it yn de nije gemeente misrûn is mei it taalbelied. Doe't

de grutte gemeente ûntstie is garandearre dat it taalbelied fan de gemeenten dy't it fierste wiene mei it taalbelied – Wûnseradiel en Wymbritseradiel – útgongspunt wurde soe foar it belied fan de nije gemeente. Dêr is yn syn eagen net folle fan terjochte kommen en hy referearret dêrby oan de kombuorden en it mediabelied fan de gemeente. Omroep Súdwest brûkt hjoed-de-dei eins foaral it Nederlânsk, wylst eartiids ek Frysk brûkt waard troch de lokale omroppen.

Gerbrandy fynt dêrom dat de gemeente Súdwest-Fryslân har op it mêd fan taalbelied net oan har wurd holden hat, want wat tasein wie is net neikommen. As mooglike oarsaak wiist Gerbrandy op it ferskillende karakter fan de stedsgemeenten Snits en Boalsert oan de iene kant en de plattelânsgemeenten Nijefurd, Wûnseradiel en Wymbritseradiel oan de oare kant.

Dêrneist fynt Gerbrandy dat taalbelied net allinnich giet om de ôfspraken dy't makke wurde, mar ek om de útfiering. Dêr moat politike kontrôle op wêze. As dy der net is, kin it mis gean, lykas yn Súdwest-Fryslân.

Yn de eagen fan Gerbrandy is taalbelied noch te faak keppele oan de persoanlike ynset fan de bestjoerders en/of amtners. Taalbelied heart neffens him net ôfhinklik te wêzen fan de persoan fan de bestjoerder of amtner.

#### 4.4.2 Proses weryndieling: de rol fan it Frysk yn de nije gemeente

De weryndieling ta de gemeente Súdwest-Fryslân is al wer sân jier lyn en libbet yntern net al te bot mear, seit ien fan de dielnimmers.

It rinnende taalbelied *Frysk! Fanselssprekkend!* fan Súdwest-Fryslân dat datearret fan desimber 2013, is yn maart 2014 troch de gemeenteried fêststeld en rint oan de ein fan dit jier ôf. De tariedingen foar it nije belied fan 2019 ôf rinne. As ûnderdiel dêrfan is in enkête útset ûnder sa'n 8.900 ynwenners fan de gemeente, wat delkomt op 10% fan de ynwenners. De enkête is beskikber yn sawol it Frysk as it Nederlânsk en wurdt útfierd troch in masterstudinte fan *Multilingualism & Minorities*, dy't by de gemeente staažjerint. De sintrale fraach is: "Wat wol de mienskip mei it Fryske taalbelied?" Yn de taljochting op de enkête seit wethâlder Stella van Gent (PvdA) dat it har derom giet it Frysk in folweardich plak yn de mienskip te jaan (Gemeente Súdwest-Fryslân, 2018). De enkête ûnder de ynwenners is eins de tredde enkête, want der binne earder ek al enkêtes holden ûnder alle meiwurkers fan de gemeente Súdwest-Fryslân en ûnder de leden fan gemeenteried en riedskommisjes.

De enkête fan rieds- en kommisjeleden hie in respons fan 66%. Fan de meiwurkers hawwe 380 minsken reagearre, sa'n 40%. Fan harren joegen trije oan dat se it Frysk net, of mei muoite fersteane; alle oaren fersteane it Frysk probleemless. Der wurdt neffens de belutsene in soad reklame makke foar kursussen Frysk, dy't amtners fergees en yn wurktyd folgje kinne. Neffens de belutsene komt men yn de gemeente net fier as men it Frysk net ferstean kin. Ek yn gearkomsten wurdt neffens de belutsene in soad Frysk praat. Op de wurkflier heart men by de gemeente alle farianten trochinoar (Frysk, Stedsfrysk, Nederlânsk) en elkenien kin inoar ferstean neffens de belutsene.

It nije taalbelied moat, as it heal kin, konkreter wurde mei 'koarte aksjelisten', 'mjitbere doelen' en 'maklik taalgebrûk'. De gemeente is bygelyks mei Cedin yn petear om te sjen oft it ek mooglik is om it Frysk as eineksamenfak te stimulearjen. Yn gefallen dat it knypt soe de gemeente Súdwest-Fryslân sjen kinne oft njonken de provinsje ek de gemeente dêr in finansjele bydrage oan leverje kin. Tocht wurdt oan 25% fan de kosten. De gemeente wol ek twatalige pjutteboartersplakken en trijetalige basisskoallen befoarderje.

Yn it nije taalbelied wol de gemeente trochgean mei it 'posityf stimulearjen' fan it Frysk. Skoallen dy't har oanslute by it Netwurk Trijetalige Skoallen (3TS) krije bygelyks de wethâlder op besite. Wat de gemeente fierder yn materiële sin bydrage kin en wol oan it Frysk yn it ûnderwiis is lykwols noch net rjocht dúdlik. Foar Frysk yn it fuortset ûnderwiis tinkt de gemeente oan in finansjele bydrage njonken de bydrage dy't de provinsje jout. De gemeente Súdwest-Fryslân kin besykje om sa in tsjinwicht te jaan tsjin skoallen fan fuortset ûnderwiis dy't it Frysk earder ôfbouwe as befoarderje. De amtner wol ek jierliks oerlis hawwe mei Cedin en SFBO oer de trochgeande learline Frysk fan pjutteboartersplak en bernedeiferbliuw nei basisskoalle en dêrnei. Súdwest-Fryslân stipet it Tomkeprojekt. De gemeente sjocht fierder ek nei it projekt 'memmetaalsprekkers' fan SFBO en Cedin wêrby't Fryske memmetaalsprekkers it Frysk op Nederlânsktalige skoallen stypje. De gemeente ûndersiket oft dat projekt ek stipe wurde kin.

De AFûK krijt yn 2019 in foarriedige subsydzje fan 5.560 euro fan de gemeente foar it organisearjen fan acht kursussen Frysk foar folwoeksen ynwenners fan de gemeente. (Dat jild komt net út it noch net fêststelde budzjet taalbelied foar 2019, mar út in oare pot, nei alle gedachten folwoeksene-edukaasje.) It Gysbert Japicxhûs yn Boalsert en de aktiviteiten dy't dêrút wei organisearre wurde spylje fansels ek in rol yn it 'Fryske profyl' fan Súdwest-Fryslân. Sa is der in jierlike gedichtewedstriid foar bern; net allinnich foar Súdwest-Fryslân mar foar hiel Fryslân, mar organisaasje en priisútrikking binne fansels wol yn Boalsert. De gemeente Súdwest-Fryslân stipet it Gysbert Japicxhûs ek.

Ferskate doelen út it rinnende taalbelied *Frysk. Fanselssprekkend!* fan Súdwest-Fryslân binne net helle. It giet dan bygelyks om de ôfspraak om 50% fan de tweets fan @gemeenteswf Frysktalich te meitsjen. Dat soe neffens de ôfdieling kommunikaasje 'net realistysk' wêze. Op Facebook wurdt ek meast Nederlânsk brûkt, al wurdt sa no en dan in Frysk berjocht nei bûten brocht.

De befrege dielnimmer is bekend mei de krityk op it taalgebrûk by Omroep Súdwest út Koudum, omdat dy (hast) gjin Frysk brûke soe. De dielnimmer ûnderskriuwt dy observaasje en hat begryp foar de argewaasje fan Gerbrandy. De sittende lieding fan de lokale omrop is neffens de dielnimmer net oansprekber oer dat ûnderwerp.

De beheinde tiid dy't der foar it taalbelied is, stekt de dielnimmer leaver yn minsken dy't wol wat wolle, lykas redaksjes fan de doarpskranten. Súdwest-Fryslân hat in priisfraach foar it moaiste Fryske stik útset, eat dat de gemeente oernommen hat fan Littenseradiel en ynfierd hat yn 2017. De dielnimmer sjocht noch mear mooglikheden foar it stimulearjen fan it Frysk op pleatslik nivo. Te tinken falt dan oan websites fan musea en ferieningen en ek oan eigen media fan sportklups, lykas sportkranten, keatsbledsjes ensfh. Mei Cedin is al in ferkennend petear fierd oer de mooglikheid foar it bêste Frysktalige stik yn de skoalkranten fan Súdwest-Fryslân. De gemeente wol minsken dêrmei posityf stimulearje om mei it Frysk oan 'e gong te gean.

De dielnimmer tinkt dat ynwenners fan Littenseradiel der yn de nije gemeente wol op efterút gien binne, want dy gemeente die eins alles yn it Frysk. Sy koene eins alle gemeentlike ynformaasje yn it Frysk krije, dy mooglikheid hawwe se yn de nije gemeenten Waadhoeke, Ljouwert en Súdwest-Fryslân net. Súdwest-Fryslân besiket dêr wol rekken mei te hâlden troch parseberjochten oer projekten yn it eardere Littenseradiel foar de hûs-oan-hûskranter 'Op 'e skille' yn it Frysk te skriuwen.

De aginda fan de gemeenteried fan Súdwest-Fryslân is struktureel dûbeldtalich. Op papier is it in dûbeldtalich dokumint mei oan de iene kant Frysk en de oare kant Nederlânsk. Online is de wurklist yn it Frysk mei dêryn in PDF mei de wurklist yn it Nederlânsk. Mar, as men de wurklist

iepenklikt binne de ûnderlizzende riedsútstellen yn it Nederlânsk. Frysktalige riedsútstellen wurde eins allinnich makke as it oer 'typysk Fryske saken' giet neffens de dielnimmer.

Antwurden op fragen fan de FNP binne altyd yn it Frysk. Antwurden op Frysktalige brieven fan boargers ek. Op Frysktalige roubrieven fan bygelyks âld-meiwurkers folget yn prinsipe ek altyd in Fryske reaksje en in Frysktalige rouadvertinsje yn de krante. Utnûgingen foar iepenbiere resepsjes en oare gemeentlike byienkomsten binne yn prinsipe altyd twatalich. As it Frysk in kear fergetten wurdt, komt der fuortendaliks kommentaar fan minsken dy't om in Frysktalige útnûging freegje. De oanbelangjende dielnimmer seit dêroer: *"Dat is terjochte, want yn ús taalbelied stiet dat we soks twatalich dogge"*

It jierferslach fan de gemeente is yn it Nederlânsk. Yn de gemeentegids stiet in koarte paragraaf oer it Frysk en it Fryske taalbelied. Itselde jildt foar de paadwizer foar nije meiwurkers.

By de resepsje fan it gemeentehûs fan Súdwest-Fryslân yn Snits binne de opskriften noch ientalich Nederlânsk, lykas foarhinne by de gemeente Snits. Yn Drylts, dêr't in part fan de meiwurkers wurket, binne alle opskriften yn it Frysk, want dat wie foarhinne it ûnderkommen fan de gemeente Wymbritseradiel. Der wurdt wol neitocht oer in mooglikheid om ek it Frysk sichtberder te meitsjen yn de iepenbiere romte yn Snits, mooglik yn de foarm fan in Frysk gedicht.

Frysk prate kinne is yn Súdwest-Fryslân gjin funksje-eask foar balymeiwurkers of oare amtners dy't in soad kontakt mei it publyk hawwe, Frysk ferstean wol. De taal oan de telefoan is dêrtroch gauris Nederlânsk of ôfhinklik fan de taalbehearsking fan de meiwurker dêr't it om giet. De dielnimmer jout oan alle wiken reklame te meitsjen foar it Taalweb Frysk ([www.taalweb.frl](http://www.taalweb.frl)) as helpmiddel foar amtners by it skriuwen fan it Frysk. Hindrik Sijens fan de Fryske Akademy hat ek in pear kear op it gemeentehûs west foar in demonstraasje fan dat Taalweb Frysk en útlis oer de lêste Fryske staveringsferoaringen (Regeloanpassingen Fryske stavering m.y.f. 30 jannewaris 2015). By personielsadvertinsjes wurdt gauris fermeld dat Frysk ferstean in pree is.

Súdwest-Fryslân is dwaande mei in nije website. Dy wurdt yn earste ynstânsje Nederlânsktalich. Fanwegen it wurk wurdt yn earste ynstânsje ôfsjoen fan in Frysktalige ferzje.

Oer it nije taalbelied is geregeld oerlis mei de provinsje op amtlik nivo. De provinsje hat de gemeente Súdwest-Fryslân dêrby ek wiisd op de mooglikheid om stipe oan te freegjen foar ûnderdielen fan it taalbelied. De gemeente hat dêr oant no ta noch gjin gebrûk fan makke, mar soe dat by de start fan it nije taalbelied dwaan kinne.

De beskikbere middels foar it taalbelied hawwe yn it ferline rommer west as no. Yn 2012-2013, de tiid fan de besunigingen, is it budzjet taalbelied ferlege fan 60.000 nei 30.000 euro. As gefolch dêrfan is neffens de dielnimmer doe ek net mear ynvestearre yn wolkomstpakketten en taaltaskes. De pakketten en taskes dy't der wiene waarden útdield oant de foarried op wie. Oer it beskikbere budzjet fan 2019 ôf binne noch gjin konkrete ôfspraken makke. It doel is om earst de plannen en foarnimmens op papier te setten en oanslutend út te sykjen hoefolle jild oft der foar nedich is.

#### **4.4.3 Takomst taalbelied gemeente Súdwest-Fryslân**

Om't de gemeente Súdwest-Fryslân noch dwaande is mei it yn kaart bringen fan de winsken fan harren ynwenners en it nije taalbelied gear te stellen, is de takomst oangeande it taalbelied noch ûnwis.

#### 4.5 De rol fan de Wet en it Hânfêst

Ut de fraachpetearen mei de belutsenen wurdt dúdlik dat it Hânfêst en de Wet rjochting jouwe oan it gemeentlik taalbelied. De measte dielnimmers binne goed op 'e hichte fan it Hânfêst en de Wet, en brûke dy ek foar de gearstalling fan harren gemeentlike taalbeliedsplan. Amtners jouwe oan dat sy as stipe by it meitsjen fan in taalbeliedsplan ek gebrûk meitsje fan de 'taalbeliedsmakker.' Dy taalbeliedsmakker generearret in plan oan de hân fan fragen, gebrûk meitsjend fan it menusysteem, dat ôflaat is fan it Hânfêst. De Wet en it Hânfêst, wurde dêrom, benammen troch amtners, faak sjoen as de 'boustien' foar it ûntwikkeljen fan taalbelied.

It docht bliken dat troch de fúzje fan gemeenten dielnimmers mear mei it Hânfêst en de Wet dwaande binne. In weryndieling draacht by oan it bewustwêzen fan amtners en bestjoerders oer it Frysk en it Fryske taalbelied.

Dochs litte in oantal dielnimmers witte dat in ynternasjonaal ferdrach, sa as it Hânfêst, yn de deistige praktyk faak fier fan de wurkflier ôfstiet. Sa is it Hânfêst net altyd dúdlik yn konkrete situaasjes en wurdt it somtiden sjoen as 'vaag'. Want wat betsjut it no presys dat in gemeente der net op efterút gean mei op it mêd fan taalbelied by in weryndieling, sa as yn it ferdrach beskreaun wurdt? De wet wurdt sjoen as konkreter, want dy leit Fryske gemeenten direkte ferplichtingen op dêr't se mei oan de slach moatte. Alhoewol, der steane gjin konkrete sanksjes op it net neilibjen fan it Hânfêst of de Wet, wêrtroch't it taalbelied noch hieltyd frijbljuwend is.

De bestjoerlike oerienkomst dy't weryndielde gemeenten mei de provinsje en it Ryk sletten hawwe, is basearre op it Hânfêst en de Wet. Troch it ûndertekenjen fan sa'n oerienkomst kinne gemeenten ek kontrolearre wurde op it útfieren fan harren belied, wat sjoen wurdt as goede stipe by it neikommen fan it taalbelied.

Ta beslút waard neamd dat it taalbelied, neist de wetlike kaders, benammen ôfhinget fan inisjatyf fan de politike bestjoerders. Neffens ien fan de dielnimmers leit it faak net oan it Hânfêst of de Wet dat taalbelied net altyd útfierd wurdt sa't it moatte soe, mar foaral oan de gemeenten sels. Gemeenten doare it Frysk faak net te brûken en binne bang dat sy minsken troch it brûken fan de taal net mei krije kinne.

## 5. Diskusjepunten

Troch kwalitatyf ûndersyk is besocht in yndruk te krijen en in beskriuwing te jaan fan de rol dy't it Frysk spilet by gemeentlike weryndielingen troch grinskorreksjes of it ûntstean fan nije gemeenten. Troch it hâlden fan ynterviews is besocht in byld te foarmjen fan de ferskate weryndielde gemeenten, oft it Frysk in rol dêryn hat, en sa ja hokker. Grutte fraach dy't dêrby opspilet: foarmje weryndielingen in bedriging foar it Frysk (it Fryske taalbelied), of is it dochs in kâns?

It is dúdlik dat op dy fragen gjin iensidich antwurd jûn wurde kin, om't de gemeenten bot faninoar ferskille op it mêd fan taalbelied. It taalbelied fan 'âlde' gemeenten komt faak net oerien, wat by weryndielingen liedt ta kompromissen en yn guon gefallen efterútging op it mêd fan it Fryske taalbelied. Sa geane de ynwenners fan de eardere gemeente Littenseradiel, dat in tige Fryksinnich taalbelied hie, der per saldo op efterút yn de nije gemeenten Ljouwert, Súdwest-Fryslân en Waadhoeke. Dat jildt bygelyks ek foar de ynwenners fan de âlde gemeente Wymbritseradiel, dy't troch de fúzje mei Súdwest-Fryslân no yn in selde situaasje belâne binne. Doch sille ynwenners dêr faak net folle fan fernimme, want harren kontakt mei de gemeente kin meastentiids gewoan yn it Frysk trochrûn wurde. Om't ynwenners faak net sasear fernimme dat se yn in gemeente wenje mei in minder Fryksinnich taalbelied, kin men jin ôffreegje of sy der echt op efterútgeane. It Hânfêst jout oan dat in weryndieling *gjin* behindering foarmje mei foar de befoardering fan de oanbelangjende regionale taal of minderheidstaal. Wurdt dêr dan oan foldien? Dielnimmers jouwe oan dat dat foar harren faak lestich fêst te stellen is, sy fine it Hânfêst dêrom yn dat opsicht net dúdlik en net altyd goed tapasber yn de deistige praktyk. De Wet wurdt faak sjoen as konkreter, want dy leit Fryske gemeenten direkte ferplichtingen op dêr't se mei oan de slach moatte.

Dat der gjin konkrete sanksjes op it net neilibjen fan it Hânfêst en de Wet steane, makket dat it taalbelied sjoen wurdt as wat frijbliuwends. Troch oerienkomsten sa as de bestjoerlike oerienkomst mei de weryndielde gemeenten, de provinsje en it Ryk, krijt taalbelied wol hieltyd mear in fêst plak op de gemeentlike aginda en wurdt it taalbelied ek periodyk hifke. Dy kontrole op it útfieren is neffens de dielnimmers hiel wichtich, oars kin it foarkomme dat saken dy't tasein binne, net neilibbe wurde. In foarbyld is de weryndieling fan Súdwest-Fryslân yn 2011, dêr't it Hânfêst eins gjin fertuten dien hat foar gemeenten as Wymbritseradiel. It is moai dat troch in fúzje Frysk taalbelied omtinken krijt, mar troch in behyplike politike posysje en breklike kontrôle kin it belied lizzen bliuwe of opkeard wurde. Dêr kin út opmakke wurde dat it Hânfêst gjin garânsje biede kin foar it behâld fan de posysje fan in taal. Dy posysje kin ûndermine wurde troch oare politike prioriteiten, sûnder dat dêr sanksjes op folgje. De Wet en it Hânfêst biede dus de mooglikheid ta it ûntwikkeljen fan taalbelied en it beskermjen fan in taal, mar it is bot ôfhinklik fan wat in gemeente dêrmei docht.

As 'taalskipper' sit de provinsje boppe op it útfieren fan it taalbelied op grûn fan wetlike kaders sa as it Hânfêst, de Wet en de bestjoerlike oerienkomst. Benammen de ynset fan de kommissaris fan de Kening, Arno Brok, wurdt dêryn troch de dielnimmers bot wurdearre; hy wurdt sjoen as in soarte fan foarbyld. It gefoel dat Frysk taalbelied net sasear ynstitúsjonalisearre is mar somtiden noch bot ôfhinklik is fan de ynset fan yndividuële persoanen komt yn ferskate petearen nei boppen. Sa wie Littenseradiel tige Frysktalich om't sy bygelyks ek in Fryksinnige lieding fan de amtlike organisaasje hiene. Yn Ljouwerteradiel kaam nei foaren dat it útfieren fan it Fryske taalbelied bot fan de oanbelangjende taalamtner ôfhong.



Neist dat de provinsje gemeenten oantrunet op harren taalbelied, stipet it de weryndielde of noch te weryndielen gemeenten ek finansjeel om harren doelen wat it Frysk oanbelanget te realisearjen. Gemeenten jouwe eins allegearre oan dat de beskikberheid fan sa'n stimulearringspotsje hiel wichtich is. Sa is yn juny (2018) bekend wurden dat de provinsje noch ris 45.000 euro beskikber stelle sil foar de gemeenten en harren taalbelied (Omrop Fryslân, 2018). Dochs is dat gjin struktureel jild, en kin men jin ôffreegje oft dat gemeenten helpe sil om taalbelied op de aginda te hâlden, sa fynt ek âld-wethâlder Gerbrandy. Der giet in soad jild om yn de gemeenten, dat eins soe op sokke bedraggen in gruttere bydrage foar taal en kultuer mooglik wêze moatte neffens him. Foar no kin dy finansjele stipe de weryndielde gemeenten helpe om saken foarinoar te meitsjen. Sa as yn de DDFK-gemeenten, dêr't in ekstra meiwurker oansteld is foar it útfieren fan in enkête en it twatalich meitsjen fan de website.

Taalamtner's jouwe oan dat it Hânfêst en de Wet brûkt wurde foar it gearstallen fan gemeentlik taalbelied, sy sjogge it eins as in soarte fan 'boustien'. Foar it ûntwikkeljen fan taalbelied jouwe in oantal amtner's oan dat sy de taalbeliedsmakker fan Gemeenten & Frysk brûke, dy't gebrûk makket fan it menusysteem dat ôflaat is fan it Hânfêst. Grutte stipe foar taalamtner's by it realisearjen of ferbetterjen fan it gemeentlik taalbelied binne de gearkomsten fan Gemeenten & Frysk. In grut tal befrege dielnimmers jouwe oan dat sy de gearkomsten mei oare gemeenten nuttich fine en dat sy ideeën opdogge dy't brûkt wurde kinne yn harren gemeente.

De rol dy't it Frysk hat is dus per weryndielde gemeente oars. Sa falt te fernimmen dat yn in gruttere gemeente as Ljouwert it Frysk net de measte prioriteit hat. Ut de ynterviews docht bliken dat eins gjin jild beskikber makke wurdt foar taalbelied út it gemeentebudzjet wei, wêrtroch't de gemeente ôfhinklik wurdt fan provinsjale finansiering. Dêrneist lit de gemeente dúdlik witte dat de prioriteit net allinnich by it Frysk lizze kin, mar benammen by meartaligens en it sichtber meitsjen fan taal yn de omjouwing, bygelyks troch in projekt as Lân fan Taal. Ljouwert hat neist it Frysk te krijen mei in soad oare (migrante-)talen en it Stedsfrysk, dy't neffens de dielnimmers likegoed oandacht fertsjinje.

Ek Waadhoeke set yn op meartaligens, yn stee fan allinnich op it Frysk. Troch de meartalige situaasje yn de gemeente mei it Frysk, it Biltsk en dêrneist it Frjentsjerter'sk, hat de gemeente derfoar keazen om dy talen ek mei te nimmen yn harren taalbelied. Troch goed oerlis yn in wurkgroep 'taalharmonisaasje' mei de taalamtner's fan de ferskate gemeenten, foarôfgeand oan de weryndieling, wiene de belutsen dielnimmers posityf te sprekken oer de gearstalling fan it nije taalbelied fan de gemeente. Hoe't de meartaligens yn de praktyk in plak krijt yn Waadhoeke is noch ûndúdlik om't de gemeente yn 'e tiid fan de ynterviews noch dwaande wie mei it ûntwikkeljen fan it plan.

De weryndieling betsjut foar in oantal meartalige gemeenten ek in stikje 'ferfrysking.' Sa sil de âlde gemeente It Bilt, dy't foar in grut part Biltsktalich wie, troch it opgean yn Waadhoeke nei alle gedachten in bytsje Frysker en meartaliger wurde troch de ynfloed fan de yn haadsaak Fryske gemeenten Littenseradiel, Frjentsjerteradiel en Menameradiel. Dat jildt ek foar de gemeente Kollumerlân c.a., dy't ek in fariant fan it Stedsfrysk en in oantal taalfariëteiten ryk is. Troch de bestjoerlike fúzje mei Ferwerderadiel en Dongeradiel, en de amtlike fúzje mei Dantumadiel, sil de gemeente Kollumerlân nei alle gedachten ferfryskje, wat in bedriging betsjutte kin foar de oare taalfariëteiten yn de regio.

Opfallend is ek dat it Frysk yn in soad fan de gemeenten gjin, of mar in bytsje omtinken krijt yn it sport-, soarch- en rekreaasjebelied. Dêrneist is der by de measte gemeenten eins gjin omtinken foar útwikselingsmooglikheden oer de steatsgrinzen hinne mei oare minderheidstaalgebieten. Allinnich de gemeente Ljouwert hat in freonskipsbân mei in stêd yn Sina, mar dêr is gjin sprake fan in minderheidstaal.

Net allinnich wat fyzje oanbelanget ferskille de gemeenten faninoar op it mêd fan taalbelied; beskikbere budzjetten foar it útfieren fan it belied, mar ek it oantal fte's dat ynset wurdt foar de stipe fan in taalamtner binne net gelyk. De measte gemeenten hawwe wol jild organisearre foar it Fryske taalbelied, mar in oantal saken wurde ek út oare 'potsjes' betelle. Dêrtroch is it hiel lestich om de gemeenten mei-inoar op dat mêd te fergelykjen. Sa wie bygelyks yn Littenseradiel eins alle berjochtjouwing twatalich, mar waard dat net betelle út de post 'Frysk taalbelied' mar út it kommunikaasjebudzjet. De fte's dy't ynset wurde foar it taalbelied is oer it algemien net in soad, al jouwe amtners ek faak oan dat de tiid dy't oan it taalbelied bestege wurde moat per perioade ferskille kin. Yn tiden fan in fúzje, of by it opstellen fan nij belied, wurdt faak mear tiid bestege oan it taalbelied as yn tiden dat it belied offisjeel fan krêft is.

Ta beslút falt út de petearen mei bestjoerders en amtners te fernimmen dat it opstellen fan it taalbelied wat oars is as it útfieren fan it taalbelied, bygelyks omdat it frijbliuwend is en omdat it yn in tal gemeenten net de heechste prioriteit hat. Gemeenten sette faak moaie foarnimmens op papier, mar de deistige praktyk is wjerstribbich. Hoe't dat útpakke sil yn de resint weryndielde en noch te weryndielen gemeenten dy't meinommen binne yn dit ûndersyk is noch mar de fraach. Dat sille de kommende jierren útwize moatte.

## 6. Oanbefellingen

### 6.1 Finânsjes

- **Der soe struktureel jild beskikber komme moatte foar de útfier fan it taalbelied**

Ut de petearen komt nei foaren dat jild, en dan faak in tekoart dêroan, in behindering foarmet foar de befoardering fan it Frysk troch de gemeenten. Yn de praktyk kin dat betsjutte dat ferskate saken 'hingjen' bliuwe of net útfierd wurde (kinne). Soks befoarderet de dynamyk en it imago net.

De provinsje Fryslân begrypt dat probleem. De provinsje freget fan de gemeenten om aksjes te ûndernimmen op it mêd fan taalbelied en hat dêr no ek in subsydzjepotsje beskikber foar makke, dêr't de gemeenten mei skewield wurde kinne.

Dochs kin men jin ôffreegje oft dat in strukturele oplossing is, om't it net om struktureel jild giet. Troch âld-wethâlder Gerbrandy wurdt dêroer oanjûn dat in gruttere bydrage foar taal en kultuer út it gemeentlik budzjet mooglik wêze moatte soe. De bydrage dy't gemeenten no ornearre hawwe foar it taalbelied liket noch (te) faak ôf te hingjen fan de politike wil om it Frysk in folweardich plak te jaan yn de gemeente.

- **Beskikbere budzjetten foar it taalbelied moatte dúdliker yn byld brocht wurde**

Dêrneist docht bliken dat it lestich is om ynsjoch te krijen yn de budzjetten dy't gemeenten ynsette foar it taalbelied Frysk. Faak hawwe gemeenten wol spesifyk jild beskikber makke foar it taalbelied, mar wurde ek saken op dat mêd út oare potsjes betelle. Dat makket it lestich om gemeenten op dat punt mei-inoar te fergelykjen, wat wol winsklik wêze soe om bygelyks yn ynskatting te meitsjen wat gemeenten gemiddeld nedich binne foar it útfieren fan it taalbelied.

### 6.2 Posysje taalamtner

- **De posysje fan de taalamtner soe prominenter wurde moatte**

Troch de ynterviews mei de taalamtners krijt men it gefoel dat in stikje profesjonalisearring ûntbrekt op dit mêd. De Provinsje en Gemeenten & Frysk dogge in soad en dat wurdt ek wurdarre troch de amtners. Dochts soene amtners sels eins ek in soarte fan 'lokale taalskipper' wêze moatte as it giet om taalbelied. Nim as fergelyking de learplichtamtner of in P&O adviseur. Sy moatte neigean oft alles wol giet sa't it moat en hawwe in dúdlike sinjaalfunksje. Dat elan binne wy yn de ynterviews net tsjinkommen en wy tinke dat dat foar in goede útwurking fan it taalbelied eins wol nedich is. It is net maklik te berikken, om't soks fan in ferskaat fan dingen ôfhinget, mar mear oeren foar it taalbelied soe al in begjin yn de goede rjochting wêze kinne.

### 6.3 Taalbelied is minskewurk

- **Sykje de gearwurking mei ynwenners en organisaasjes**

Dúdlik is dat taalbelied minskewurk is, want it giet om it beynfloedzjen fan minsken harren taalgedrach.

Taalbelied liket noch (te) faak ôfhinklik fan ien of in oantal persoanen, bygelyks Frysksinne bestjoerders of in entûsjaste taalamtner. Taalbelied moat eins organisaasjebreed, mar ek dêrbûten, bekend wêze en droegen wurde. Om dat foarinoar te krijen soene gemeenten aktyf de gearwurking sykje moatte mei oare organisaasjes, lykas skoalkoepels, soarchynstellingen en sportklups. Gemeenten soene it petear oangean moatte oer hoe't organisaasjes it Frysk brûke en stimulearje kinne, yn kombinaasje mei in foar dat doel beskikber subsidzjepotsje.

### 6.4 Utwikseling oer de steatsgrinzen hinne

- **Stimulearje aktyf de kontakten en útwikkelingen mei oare minderheidstaalgebieten yn Europa**

Wat opfalt is dat fan de gemeenten allinnich Ljouwert ynternasjonale kontakten ûnderhâldt mei in stêd yn it bûtenlân.

Op ferskate plakken yn Europa binne gemeenten aktyf dwaande mei it tema meartaligens en minderheidstalen. Fryske gemeenten soene troch it oanheljen fan kontakten mei dy gemeenten wat leare kinne en ynspiraasje opdwaan kinne. Dat wurket allinnich as der belangstelling is fan de amtners en it gemeentebestjoer foar sa'n ynternasjonale gearwurking. Mooglik soe in pilot dien wurde kinne op dat mêd.

### 6.5 Mear ûndersyk nei gemeentlik taalbelied

- **Undersyk dwaan nei 'good practices' yn oare minderheidstaalgebieten yn Europa**

Neist de mooglikheid ta útwikseling oer de steatsgrinzen hinne, soe it goed wêze om ûndersyk te dwaan nei *good practices* yn oare minderheidstaalgebieten op it mêd fan gemeentlik taalbelied. Om dan foaral te sjen nei hoe't oare minderheidstaalgebieten it Hânfêst fertale yn belied. Goede ideeën soene meinommen wurde kinne yn de beliedsfoarming fan Fryske gemeenten.

- **Minimale middels, maksimaal resultaat**

Dúdlik is dat in soad gemeenten minimale middels (finânsjes, fte's) beskikber hawwe foar de útfier fan harren taalbeliedsplan. It soe goed wêze om út te sykjen hoe't gemeenten mei dizze minimale middels maksimaal resultaat berikke kinne. In platfoarm lykas Gemeenten & Frysk soe har dêr foar liene kinne. Ek soe sjoen wurde kinne hoe't gemeenten yn it bûtenlân harren middels besteegje oan taalbelied, sadat dat meinaam wurde kin yn de beliedsfoarming fan Fryske gemeenten.

- **Werhelje oer in oantal jierren it ûndersyk nei de rol fan it Frysk yn weryndielde gemeenten**

Dêrneist soe it nijsgjirrich wêze om oer in oantal jierren op 'e nij te sjen watfoar rol it Frysk hat yn resint weryndielde gemeenten. De meast resinte weryndielingen en de weryndieling fan Noardeast-Fryslân dy't op kommandewei is, binne noch sa farsk, dat it dêrom lestich is útspraken te dwaan oer it útfieren fan it 'nije' gemeentlike taalbelied. Om dêr in dúdliker byld fan te krijen, soe it goed wêze om dy gemeenten oer in pear jier wer te hifkjen nei de stân fan saken op it mêd fan it Fryske taalbelied.

## 7. Bibliografy

- Council of Europe. (2009). *In sprekbuis foar regionale en minderheidstalen!* Besjoen op 31 maaie, 2018, fan Council of Europe: [https://www.coe.int/t/dg4/education/minlang/Brochure/Brochure\\_frisian.pdf](https://www.coe.int/t/dg4/education/minlang/Brochure/Brochure_frisian.pdf).
- Council of Europe. (2018a). *The objectives of the European Charter for Regional or Minority languages.* Besjoen op 31 maaie, 2018, fan Council of Europe: <https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/the-objectives-of-the-charter>
- Council of Europe. (2018b). *Details of Treaty No.148.* Besjoen op 31 maaie, 2018, fan Council of Europe: <https://www.coe.int/en/web/conventions/full-list/-/conventions/treaty/148>.
- Council of Europe. (2018c). *About the European Charter for Regional or Minority Languages.* Besjoen op 31 maaie, 2018c, fan Council of Europe: <https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/about-the-charter>.
- DDFK gemeenten. (2017a). *Wat u moet weten over fusie DDFK.* Besjoen op 5 juny, 2018, fan DDFK: <https://www.ddfk.nl/>.
- DDFK gemeenten. (2017b). *Frysk Taalbelied 2017-2020, In nij begjin...*
- DDFK gemeenten. (2018). *DDFK gemeenten.* Besjoen op 18 juny, 2018, fan DDFK: <https://www.ddfk.nl/>
- DINGtiid. (2016, 1 septimber). *Brief oan Provinsjale Steaten.* Besjoen op 23 maaie, 2018, fan DINGtiid: <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2016/09/20160901-brief-oan-Provinsjale-Steaten.pdf>.
- Duijff, P. (2002). *Fries en Stadsfries.* Sdu Uitgevers: Den Haag.
- Fryske Akademy. (2018). *Konseptrapport Mengtaalvariëteiten in Fryslân .*
- Gemeente Dongeradeel. (2011). *Nota Frysk Taalbelied.* Besjoen op 19 juny, 2018, van Gemeente Dongeradeel: <https://www.dongeradeel.nl/document.php?m=3&fileid=16045&f=930776e0736af251ba55ba6837cc9201&attachment=0>.
- Gemeente Leeuwarderadeel. (2017). *Herindeling.* Besjoen op 22 juny, 2018, fan Gemeente Leeuwarderadeel: <https://www.leeuwarderadeel.nl/bestuur-organisatie/herindeling.html>.
- Gemeente Súdwest-Fryslân. (2018). *Súdwest-Fryslân vraagt inwoners naar mening over het Fries.* Besjoen op 22 juny, 2018, fan Gemeente Súdwest-Fryslân: [https://www.gemeentesudwestfryslan.nl/bestuur/nieuws\\_44219/item/sudwest-fryslan-vraagt-inwoners-naar-mening-over-het-fries\\_77563.html](https://www.gemeentesudwestfryslan.nl/bestuur/nieuws_44219/item/sudwest-fryslan-vraagt-inwoners-naar-mening-over-het-fries_77563.html).
- Gemeente Waadhoeke. (2018a). Dare to be different/Durf âns te wezen. *Fusiemagazine gemeente Waadhoeke 2018*, p. 43.
- Gemeente Waadhoeke. (2018b). Waadhoeke in cijfers. *Fusiemagazine gemeente Waadhoeke 2018*, p. 6.
- Gemeente Waadhoeke. (2018c). Korte herindelingsgeschiedenis. *Fusiemagazine gemeente Waadhoeke 2018*, p. 6.
- Gemeente Waadhoeke. (2018d). Minnertsga. *Fusiemagazine gemeente Waadhoeke 2018*, p. 19.
- Gemeenten & Frysk. (s.d.). *Bestjoer.* Besjoen op 6 juny, 2018, fan Gemeenten & Frysk: [http://www.Gemeenten & Frysk.nl/content.php?Pageld=224](http://www.Gemeenten&Frysk.nl/content.php?Pageld=224).
- Gemeenten & Frysk. (s.d.). *Oer Gemeenten & Frysk.* Besjoen op 4 juny, 2018, fan Gemeenten & Frysk: [http://www.Gemeenten & Frysk.nl/index.php](http://www.Gemeenten&Frysk.nl/index.php).
- Gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân c.a. (2017, maart 30). *Weryndielingsadvies gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân k.a.* Besjoen op 15 juny, 2018, fan Rijksoverheid: [https://www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/rapporten/2017/06/20/weryndielingsadvys-gemeenten-dongeradiel-ferwerderadiel-en-kollumerland-k.a/Weryndielingsadvys+Dongeradiel+Ferwerderadiel+en+Kollumerland+k.a\\_.pdf](https://www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/rapporten/2017/06/20/weryndielingsadvys-gemeenten-dongeradiel-ferwerderadiel-en-kollumerland-k.a/Weryndielingsadvys+Dongeradiel+Ferwerderadiel+en+Kollumerland+k.a_.pdf).
- Gorter, D., & Jonkman, R. (1995). *Taal yn Fryslân, op 'e nij besjoen.* Ljouwert: Fryske Akademy.

- Hemminga, P. (2001). Bou hurd in nij gemeentehûs, De weryndieling komt der oan! *Trotwaer*, 33(4), 149.
- Leeuwarder Courant. (2017, 6 jannewaris). *Súdwest-Fryslân naar 89.000 inwoners*. Besjoen op 22 juny, 2018, fan Leeuwarder Courant: <http://www.lc.nl/friesland/S%C3%BAadwest-Frysl%C3%A2n-naar-89.000-inwoners-21899758.html>.
- Leeuwarder Courant. (2018, 23 juny). *Leeuwarden handelt in strijd met eigen belofte by dorpsborden*. Besjoen op 27 juny, 2018, fan Leeuwarder Courant: <http://www.lc.nl/friesland/Leeuwarden-handelt-in-strijd-met-eigen-belofte-bij-dorpsborden-23303573.html>.
- Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties. (2013). *Bestuursafpraak Friese taal en cultuur (2013-2018)*. Besjoen op 1 juny, 2018, fan Provinsje Fryslân: [file:///C:/Users/AnneS/Downloads/bestuursafpraak-friese-taal-en-cultuur-2013-2018-nederlands%20\(1\).pdf](file:///C:/Users/AnneS/Downloads/bestuursafpraak-friese-taal-en-cultuur-2013-2018-nederlands%20(1).pdf).
- Omrop Fryslân. (2017, 7 septimber). *Dongeradiel wol bettere nota oer Frysk DDFK-gemeenten*. Besjoen op 18 juny, 2018, fan Omrop Fryslân: <https://www.omropfryslan.nl/nij/753891-dongeradiel-wol-bettere-nota-oer-frysk-ddfk-gemeenten>.
- Omrop Fryslân. (2018, 12 juny). *Provinsjaal jild foar Frysk taalbelied gemeenten*. Besjoen op 22 juny, 2018, fan Omrop Fryslân: <https://www.omropfryslan.nl/nij/821456-provinsjaal-jild-foar-frysk-taalbelied-gemeenten>.
- Overheid. (1998, 1 maart). *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden*. Besjoen op 23 maaie, 2018, fan Overheid: <http://wetten.overheid.nl/BWBV0001223/1998-03-01>.
- Overheid. (2014, 1 jannewaris). *Wet gebruik Friese Taal*. Besjoen op 23 maaie, 2018, fan Overheid: <http://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>.
- Overheid. (2017a). *Bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied yn de nije gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân en yn de nij te foarmjen gemeente Waadhoeke*. Besjoen op 1 juny, 2018, fan Overheid: <http://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>.
- Overheid. (2017b, novimber 21). *Samenvoeging van de gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland*. Besjoen op 15 juny, 2018, fan Overheid: <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/kst-34831-3.html>.
- Provincie Groningen. (2017). *Gemeentelijke herindeling*. Besjoen op 23 maaie, 2018, fan Provincie Groningen: <https://www.provinciegroningen.nl/actueel/dossiers/gemeentelijke-herindeling/>
- Provinsje Fryslân. (2007). *De Fryske taalatlas 2007*. Ljouwert: Provinsje Fryslân.
- Provinsje Fryslân. (2014). *Streektaalatlas 2014*. Besjoen op juny 5, 2018, fan Dat wie doe sa: <https://www.datwiedoesa.nl/uploads/Beleid/Downloads/streektaalatlas.pdf>.
- Provinsje Fryslân. (2015a). *De Fryske taalatlas 2015*. Besjoen op 4 juny, 2018, fan Dat wie doe sa: <https://www.datwiedoesa.nl/uploads/Beleid/Downloads/01taalatlas-2015-frysk.pdf>.
- Provinsje Fryslân. (2015b). *Mei elkenien foar elkenien*. Besjoen op 12 juny, 2018, fan Provinsje Fryslân: <https://www.fryslan.frl/document.php?m=16&fileid=958&f=6c517a3a37621ddae7297b98947b0b17&attachment=0>.
- Provinsje Fryslân. (2016). *Fryske taal*. Besjoen op 1 juny, 2018, fan Provinsje Fryslân: <http://fryslan.gemeentedocumenten.nl/www.fryslan.frl/fy-nl/3413/fryske-taal/index.html>.
- Provinsje Fryslân. (2017a). *Uitvoeringsplan 'Mei hert, holle en hannen'*. Besjoen op 1 juny, 2018, fan Provinsje Fryslân: <https://www.fryslan.frl/document.php?m=7&fileid=139&f=7ed5ba9d5868a52329be14b7c6a4f1a0&attachment=0>.
- Provinsje Fryslân. (2017b). *Wettelijk kader*. Besjoen op 31 maaie, 2018, fan Provinsje Fryslân: [https://www.fryslan.frl/over-de-provincie/wettelijk-kader\\_41996/](https://www.fryslan.frl/over-de-provincie/wettelijk-kader_41996/).
- Provinsje Fryslân. (2017c, 20 juny). *Zienswijze herindelingsadvies gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland c.a*. Besjoen op 15 juny, 2018, fan Provinsje Fryslân: <https://www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/brieven/2017/06/20/zienswijze-provincie-en-herindelingsadvies-ferwerderadiel-kollumerland-c.a.->

- dongeradeel/Zienswijze+provincie+en+herindelingsadvies+Ferwerderadiel%2C+Kollumerland+c.a.%2C+Dongeradeel.pdf.
- Provinsje Fryslân. (2018, 17 april). *Brief DS Stân fan saken taalskippersrol fan de provinsje*. Besjoen op 12 juny, 2018, fan Provinsje Fryslân:  
<https://www.fryslan.frl/document.php?m=16&fileid=38227&f=5dca04e049870f3d57f17a8b22d6e296&attachment=1&c=12748>.
- Riemersma, A., & de Jong, S. (2007). *The Frisian language in education in the Netherlands*. Ljouwert: Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.
- Rijksoverheid. (2016, 30 novimber). *Advies Taalunie over erkenning Bildts*. Besjoen op 8 juny, 2018, fan Rijksoverheid: <file:///C:/Users/AnneS/Downloads/advies-taalunie-over-erkenning-bildts.pdf>.
- Rijksoverheid. (2016, 16 desimber). *Kamerbrief over erkenning Bildts*. Besjoen op 8 juny, 2018, fan Rijksoverheid:  
<https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2016/12/16/kamerbrief-over-erkenning-bildts>.
- Rijksoverheid. (2018). *Gemeentelijke herindeling*. Besjoen op 23 maaie, 2018, fan Rijksoverheid:  
<https://www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/gemeenten/gemeentelijke-herindeling>
- Sluis, P. van, (2015). *Seven perspectives on Bildts*. Ljouwert: Mercator European Research Centre on Multilingualism and Lanuage Learning.
- Vereniging Friese Gemeenten. (2017). *Overzichtskaart Friese gemeenten per 1 januari 2018*. Besjoen op 23 maaie, 2018, fan Vereniging Friese Gemeenten:  
<http://friesegemeenten.vps1.misp.nl/nieuws/overzichtskaart-friese-gemeenten-per-1-januari-2018.html>.
- Wikipedia. (2018a). *Leeuwarden (gemeente)*. Besjoen op 22 juny, 2018, fan Wikipedia:  
[https://nl.wikipedia.org/wiki/Leeuwarden\\_\(gemeente\)](https://nl.wikipedia.org/wiki/Leeuwarden_(gemeente)).
- Wikipedia. (2018b, 17 juny). *Tabel van Nederlandse gemeenten*. Besjoen op 22 juny, 2018, fan Wikipedia: [https://nl.wikipedia.org/wiki/Tabel\\_van\\_Nederlandse\\_gemeenten](https://nl.wikipedia.org/wiki/Tabel_van_Nederlandse_gemeenten).



8. Appendiks I -  
Fragelist gemeentlike weryndielingen Fryslân

## Appendiks I - Fragelist gemeentlike weryndielingen Fryslân

Dit projekt, dat giet oer it plak fan it Frysk yn gemeenten by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân, wurdt útfierd yn opdracht fan DINGtiid. DINGtiid is de namme foar it Orgaan foar de Fryske taal. Harren taak is om de likense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk te befoarderjen. Yn Fryslân hawwe it ôfrûne desennium in tal gemeentlike weryndielingen west en der binne noch inkelde weryndielingen kommandewei. Troch middel fan dit ûndersyk, útfierd troch it *Mercator European Research Centre for Multilingualism and Language learning* dat ûnderdiel is fan de Fryske Akademy, wol DINGtiid mear ynsjoch krije yn it plak fan it Frysk yn de foarme en nij te foarmjen gemeenten. Dêrom soene wy jo graach in oantal fragen stelle wolle oer de posysje fan it Frysk yn jo gemeente.

### Biografysk

- Namme:
- Leeftiid:
- Berteplak: (binnen / bûten Fryslân)
- Legere skoalle/basissskoalle: (binnen / bûten Fryslân)
- Memmetaal:
- Oplieding:

### Taalbehearsking Frysk:

- Ferstean (hiel maklik / goed / frij aardich / mei muoite / hielendal net)
- Prate (hiel maklik / goed / frij aardich / mei muoite / hielendal net)
- Lêze (hiel maklik / goed / frij aardich / mei muoite / hielendal net)
- Skriuwe (hiel maklik / goed / frij aardich / mei muoite / hielendal net)

### **Fryksinnigens**

- Hoe Frysk beskôgje jo josels? Beweger?
- Hoe Frysk wie/is jo famylje?

### **Funksje**

- Wat is jo hjoeddeistige funksje? (amtlik / polityk)
- Wat hâldt dat yn?
- Hoe lang binne jo wurksum yn dizze funksje?

### WERYNDIELING – Foartrajekt

- By hokker weryndieling wiene/sille jo behelle (wêze)?
- Yn hokker funksje wiene/binne jo behelle by de tarieding fan de weryndieling? (Hoe wie it om dwaande te wêzen mei it Fryske taalbelied?)
- Binne jo bekend mei Gemeenten & Frysk? (in inisjatyf fan de provinsje Fryslân en Afûk) (ja/nee)
  - Wat is de ûnderfining mei Gemeenten & Frysk?
- Binne jo bekend mei de taalbeliedsmakker? (website Gemeenten & Frysk) (ja/nee)
  - Wat is de ûnderfining mei de taalbeliedsmakker?

### WERYNDIELING – De Wet en it Hânfêst

- Hawwe jo in idee fan regels dy't in rol spylje by de posysje fan it Frysk yn gemeenten? (Hânfêst / Wet)
  - Hoe goed is de kennis fan dy wet en it hânfêst op it gemeentehûs? Hat dat gefolgen foar de weryndieling (hân)? Sa ja, kinne jo dêr in foarbyld fan neame?
- Kinne jo beskriuwe hoe't der **foar** de weryndieling fan de gemeente omgien waard mei it Frysk?
  - Bygelyks: Op in skaal fan ien oant fiif, hoefolle omtinken waard jûn oan it Frysk? (1 = gjin omtinken, 5 = in hiel soad omtinken)
- Wie der omtinken foar it Frysk **foar** it yngean fan it Europeesk Hânfêst (1998)?
- Kinne jo beskriuwe oft der wat feroare **nei** it yngean fan it Europeesk Hânfêst, en sa ja wat dan?
- Wie der omtinken foar it Frysk **foar** it yngean fan de 'Wet gebruik Friese taal' (2014)?

- Kinne jo beskriuwe oft der wat feroare **nei** it yngean fan de 'Wet gebruik Friese taal'?
- Hokker aspekten fan de wet/it hânfêst binne wol oan bod kommen en tapast by de gemeentlike weryndieling en hokker net? Wêrom dy saken wol en oare saken net?
- Aspekten dy't net oan bod kamen, hawwe dy wol yn it proses fan de weryndieling op it aljemint west? Sa ja, wêrom binne se ta it beslút kommen dy aspekten wei te litten?

**WERYNDIELING** – *Antwurdmooglikheden*

<b>Striemin</b>	--
<b>Min</b>	-
<b>Neutraal</b>	-/+
<b>Goed</b>	+
<b>Hiel goed</b>	++

	<b>Doe</b>	<b>No</b>	<b>Takomst</b>
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Hat jo gemeente ôfspraken makke oer it gebrûk fan de Fryske taal yn de foarm fan in gemeentlik taalbeliedsplan? Sa ja, is dat taalbeliedsplan aktueel? Sa nee, wêrom hat de gemeente dat noch net? <ul style="list-style-type: none"> <li>○ Bygelyks: Op in skaal fan ien oant fiif, hoefolle omtinken wurdt oan it Frysk jûn? (1 = gjin omtinken, 5 = in hiel soad omtinken)</li> </ul> </li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Hat de gemeente konkrete doelstellingen? Sa ja, hokker?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Hoe wurdt it belied hifke (perioedyk?)</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der jild beskikber foar it taalbelied? Sa ja, hoefolle?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wêr komt it jild wei dat brûkt wurdt foar it Fryske taalbelied?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• As it net earmerke is, op kosten wêrfan giet it dan? (bgl. diken, sosjaal, ensfh.)</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Hoefolle fte's set de gemeente yn foar it Fryske taalbelied?</li> </ul>			

**Foarskoalsk ûnderwiis, Primêr ûnderwiis, Middelber/Fuortset ûnderwiis, Folwoekseneûnderwiis**

	<b>Doe</b>	<b>No</b>	<b>Takomst</b>
<ul style="list-style-type: none"> <li>Stimulearret de gemeente it gebrûk fan it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis? Sa ja, op hokker wize docht de gemeente dat?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Binne der yn jo gemeente Frysktalige of meartalige pjutteboartersplakken of bernedeiferbliuwen?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Is Frysk as meartaligens in punt fan oandacht by it útjaan fan fergunningen op grûn fan it 'tjidelijk besluit kwaliteitseisen kinderopvang'? Sa ja, kinne jo dêr in foarbyld fan jaan? Sa nee, wêrom hat dat net de oandacht fan de gemeente?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Wurde by it útjaan fan fergunningen kwaliteitseasken steld oan de Frysktaligens fan de begelieders fan in pjutteboartersplak of berne-opfang? Sa ja, hokker easken binne dat? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Subsidiearret de gemeente it gebrûk fan Frysk lesmateriaal foar bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken, sa as it Tomke-projekt? Sa ja, mei hokker bedrach stipet de gemeente it gebrûk fan dy middels? Sa nee, wêrom stipet de gemeente dat net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Stimulearret de gemeente it gebrûk fan it Frysk yn it basisûnderwiis? Sa ja, hoe docht de gemeente dat?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Trunet de gemeente oan op it ûntwikkeljen fan in taalbeliedsplan binnen it basisûnderwiis?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Docht de gemeente oan de stimulearring fan meartalich basisûnderwiis, sa as trijetalige skoallen? Sa ja, kinne jo dêr in foarbyld fan neame? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>Stimulearret de gemeente leararen binnen it basisûnderwiis om in kursus Frysk te dwaan? Sa nee,</li> </ul>			

wêrom net?			
• Trunet de gemeente oan op it gebrûk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis? Sa ja, hoe docht de gemeente dat? Sa nee, wêrom net?			
• Stimulearret de gemeente trijetalige learlingen binnen it fuortset ûnderwiis? Sa nee, wêrom net?			
• Wurde yn dizze gemeente Fryske kursussen oanbean foar folwoeksenen? Sa ja, wurdt dat stimulearre troch de gemeente? Sa nee, wêrom wurde gjin kursussen oanbean?			

#### Gemeentlik bestjoer (yntern/ekstern)

	<b>Doe</b>	<b>No</b>	<b>Takomst</b>
• Wurdt it Frysk sichtber makke yn de iepenbiere romten fan it gemeentehûs? Sa ja, hoe? Sa nee, wêrom net?			
• Wurdt it Frysk as fiertaal brûkt ûnder riedsgearkomsten? Sa ja, hoe faak wurdt it brûkt? Sa nee, wêrom net?			
• Wurdt de agenda by gearkomsten yn it Frysk of meartalich opsteld? Sa nee, wêrom net?			
• Wurde riedsstikken yn it Frysk of meartalich opsteld? Sa nee, wêrom net?			
• Binne der binnen de gemeente kwaliteitseasken steld oangeande it gebrûk fan it Frysk fan balymeiwurkers? Sa ja, wat foar easken binne dat? Sa nee, wêrom net?			
• Binne der binnen de gemeente ôfspraken makke oer de taalkar oan 'e telefoan? Sa nee, wêrom net?			



<ul style="list-style-type: none"> <li>• Hawwe meiwurkers de mooglikheid om kursussen te folgjen om harren Frysk te ferbetterjen? Sa ja, hoefolle gebrûk wurdt dêr jierliks fan makke? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Binne der (digitale) taalhelpmiddels beskikber foar meiwurkers? Sa ja, hokker helpmiddels? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der by de seleksje fan nije meiwurkers omtinken foar de behearsking fan it Frysk? Sa ja, hoe goed moat de nije meiwurker it Frysk behearskje? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Kin de boarger dy't in Fryske brief nei de gemeente stjoert ek in brief yn it Frysk werom ferwachtsje? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Kin in klachteproseduere ek yn it Frysk trochrûn wurde? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt it Frysk brûkt foar gemeentlike taspraken of parseberjochten? Sa ja, hoe faak bart dat gemiddeld? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurde útnûgingen foar resepsjes, eveneminten en iepeningen yn it Frysk of meartalich opsteld? Sa ja, hoe faak bart dat gemiddeld yn ien jier? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt it jierferslach ek yn it Frysk beskikber makke? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der yn de gemeentegids omtinken foar it Frysk of meartalichheid? Sa ja, op hokker wize wurdt dêr omtinken oan jûn? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt de gemeentlike website twa- of meartalich oanbean? Sa ja, is de Fryske ferzje like wiidweidich as de Nederlânske ferzje? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt it Frysk brûkt op sosjale media? Sa ja, hoe faak bart dat gemiddeld yn it jier? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			

<ul style="list-style-type: none"> <li>• Kinne houlikstaspraken yn it Frysk holden wurde? Sa ja, hoe faak wurdt dêr gemiddeld om frege? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Krije nije ynwenners fan de gemeente foarljochting oer de meartalige situaasje yn ús provinsje? Sa ja, hoe? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Krije asylsikers of ymmigranten foarljochting oer it Frysk en de meartalige situaasje yn ús provinsje? Sa ja, hoe? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt yn de gemeente gebrûk makke fan Fryske of meartalige plaknammebuorden en paadwizers? Sa ja, wêrom is dêrfoar keazen? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt yn de gemeente gebrûk makke fan Frysktalige strjitnammen? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Stipet de gemeente Frysktalige kulturele inisjativen? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der yn oerlis mei ferskate kulturele ynstellingen omtinken foar it gebrûk fan it Frysk?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Hat de gemeente in freonskipsbân mei in gemeente of plak yn in oar minderheidstaalgebiet? Sa ja, mei hokker gebiet of plak? Wat hâldt dy bân yn? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Wurdt it gebrûk fan it Frysk yn doarpskranten en streekblêden stimulearre troch de gemeente? Sa ja, kinne jo dêr in foarbyld fan neame? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der oandacht foar it gebrûk fan it Frysk yn it sportbelied fan de gemeente? Sa ja, hoe? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der oandacht foar it gebrûk fan it Frysk yn it toerisme- en rekreaasjebelied fan de gemeente? Sa ja hoe? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			
<ul style="list-style-type: none"> <li>• Is der yn oerlis mei soarchynstellingen omtinken foar it gebrûk fan it Frysk? Sa ja, kinne jo dêr in foarbyld fan jaan? Sa nee, wêrom net?</li> </ul>			

**WERYNDIELING** – *Takomst / Evaluaasje*

- Hat it Frysk yn jo eagen takomst binnen de gemeente?
- Tinke jo dat ynwenners fan (...) der troch de weryndieling op foarút gien binne as it giet om it Fryske taalbelied?
- Binne de Wet en it Hânfêst as ramt tarikkend foar gemeenten? Sa nee, wêrom net? Wat kin better?
- Kinne der 'best practice' foarbylden jûn wurde fan de gemeente (...) (mooglik oare gemeenten)?
- Wat is jo ideaal oangeande taalbelied? / Wat binne de winsken oangeande it Frysk binnen de gemeente?





D / N G  
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal



Mercator European Research Centre on  
Multilingualism and Language Learning  
c/o Fryske Akademy  
Doelestraat 8  
8911 DX Leeuwarden  
The Netherlands

T: +31 58 2131414

E: [mercator@fryske-akademy.nl](mailto:mercator@fryske-akademy.nl)

W: [www.mercator-research.eu](http://www.mercator-research.eu)

W: [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)